

Jierferslach 2022





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes 2022		2
• It keatsjier 2022		3
• Oantekens ledegearkomste – 23 maaie 2022		4
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- 2022: In moai keatsseizoen!	Wedstriidkommisje	11
- In weromblik fan de Jongerein- & Technyske komisje	Jongerein- & Technyske komisje	12
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2022		12
* Keatster fan it jier 2022	Fianne Dijkstra	14
- PR-kommisje 2022	PR-kommisje	15
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	16
* Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach	Romine Jelsma	18
* Eksploitaasjerekken 2022		21
* Ferklearring kaskommisje 2022		21
- Keatskamp 2022: 'De Keats Olympics'	Keatskampkommisje	22
• Jong Famme Partij 2022	Troch Corrie, Jeska en Roelie	24
• Frouljus PC	Troch de eagen fan Jeska Terpstra	26
• NK 50+	Troch Roel Sijbesma	27
• PC Frjentsjer, 2022	Troch Bauke Dijkstra	28
• Sneon 9 july 2022: de 17e Jong-Feintepartij		30
• Wedstriidferslaggen		32
- Lede- en federaasjepartijen		32
- KNKB partijen		41
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule – Frouljus PC		42
- Nederlânske Kampioenskippen		43
- KNKB Klasseminten		43
• Keatsmominten út 2022		36

Kolofon

Foto omslach: Foar de earste kear ea hat Easterein de Jong Famme Partij wûn, geweldich! Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra, Corrie Kroondijk mei harren coach Hendrik Sweering (2 july 2022).

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes 2022

HAADBESTJOER

Wilma Sjaarda	Ynterim foarsitter
Hester Minks	Skriuwer
Ids de Boer	Ponghâlder
Dieuwke Kooistra	Algemiene saken
Fakatuere	Jongerein-/ Technyske saken
Romine Jelsma	Wedstriidsaken
Fakatuere	Fjilden en materialen

WEDSTRIIDKOMMISJE

Wilma Sjaarda	Foarsitter
Mirjam Reitsma	Skriuwer
Jelmer Hazenberg	Wedstriidsekretariaat
Romine Jelsma	Wedstriidsaken + kontakt HB
Tineke Kamstra	Algemiene saken
Wietse Vink	Algemiene saken

JONGEREIN- & TECHNYSKE KOMMISJE

Imke van der Leest	Ynterim foarsitter
Sietske Okkema	Skriuwer
Fakatuere	Trainings koördinator
Johannes Hazenberg	TK koördinator
Fakatuere	TK koördinator
Fakatuere	Kompetysje saken
Klaas Sixma	Algemiene-/ Fasilitêre saken
Marijke Jellema	Opjefte jongerein
Marit Kuperus	Algemiene-/ Fasilitêre saken
Peter Stuiver	Kontaktpersoan teaml.

PR-KOMMISJE

Mattie Dijkstra	Foarsitter
Judy Bergsma	Skriuwer
Jetske Sieperda	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Redaksjelid

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISJE

Tjeerd Dijkstra	Foarsitter
Ids de Boer / René Rijpma	Kontakt HB
Hendrik Okkema	Relasje behear
Hendrik Kuiper	Relasje behear
Jan Simon Jelsma	Relasje behear

KEATSKAMPKOMMISJE

Sieta Tessemaker
Selma de Boer
Halbe Willem Overal
Tjalie Houtsma

WEBREDAKSJE

Wiepkje Hiemstra	Foarsitter
Marije Schurer	Redaksje behear
Imke van der Leest	Redaksje lid
Sieta Tessemaker	Redaksje lid
Karin Sjaarda	Ein redakteur

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISJE

Klaas Sixma	Fjilden jongerein
-------------	-------------------

'FITE FUTTERS' – FJILDLISMANNEN

Theo Jelsma
Lolke Bouma
Geert Dijkstra
Jan de Jong
Willem Twijnstra
Jelle de Boer
Roel Sijbesma
Jouke van der Weij



It keatsjier 2022

Foar jim leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein fan 2022. In keatsseizoen dat gelokkich net mear behearske waard troch it coronafirus! De folle keatsaginda's koene yn syn gehiel ôfwurke wurde.

Prachtige súksessen dit jier op de keatsfjilden, sawol op federaasje - as KNKB nivo, mei as hichtepunt fansels de winst fan de Jong Famme Partij troch Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra, Corrie Kroondijk mei harren coach Hendrik Sweering. As favoryt oan de dei begjinne soarget foar ekstra druk mar dat koe de fammen net deare, se giene der mei de winst fantroch. Nochris lokwinske!

Dêrneist moaie súksessen op de PC's: Bauke Dijkstra en Jeska Terpstra wûnen beide de 3e priis. Ek dit wiene prachtige prestaasjes. En dan noch ús 50+ manlju; in moaie 2e priis (mei in gouden rantsje) op it NK foar Tjeerd Dijkstra, Roel Sijbesma en Simon Kingma.

Op de federaasje wedstriden waarden der ek knap wat prizen behelle en krânsen mei nei hús nommen. Sa koe elts dit jier syn/har hert wer ophelje op de keatsfjilden.

Op bestjoerlik nivo wiene der wol wat swierrichheden; nei 8 jier naam Dirk-Yde Sjaarda ôfskie as foarsitter. Omdat der gjin opfolger wie hat ûnderskreaune dizze taak tydlik oernommen. Lokkich ha we yn de rin fan it jier in nije foarsitter fûn: Marten Faber. Moai dat hy it stokje oernimme wol. Op dit stuit wurdt der noch socht nei in nije ponghâlder en in algemien lid, dêrmei is it bestjoer dan wer foltallich. Lokkich dat der in berop op de kommisjes dien wurde kin. Mei-inoar de skouders der ûnder.

As lêste noch in wurd fan tank oan al ús stipers/ vrijwilligers, yn hokker foarm dan ek, sûnder jim kinne we net. Tank foar jim (finansjele) ynset!

Ut namme fan it haadbestjoer winskje ik jim in protte lêsnocht ta en graach oant takom seizoen!

Wilma Sjaarda
Ynterim foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens ledegearkomste – 23 maaie 2022

Oanwêzich: Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, Ids de Boer, Chris Hoekstra, Romine Jelsma, Dieuwke Kooistra, Hester Minks en sa'n 34 leden (sjoch presinsjelist)

Ofwêzich mei berjocht: Christian Hoekstra

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de ledegearkomste op 19 maaie 2021
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2021
 - begrutting 2022
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2021
7. Skoft
8. Bestjoersferkiezing:
 - Oftridend: Dirk-Yde Sjaarda, foarsitter haadbestjoer
 - Foardracht: fakant
 - Oftridend: Chris Hoekstra, foarsitter jongereinkommisje
 - Foardracht: fakant
 - Oftridend: Sjouke Schilstra, fjilden- en materialen
 - Foardracht: fakant
 - Oftridend: Ids de Boer, ponghâlder
 - Foardracht: fakant
9. Stikken KNKB-gearkomste op 31 maart 2022
10. Punten fanút it bestjoer, ûnder oare:
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatueres: stân fan saken
 - punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits e.o.
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - KF-jûn mei Foppe de Haan op freed 22 april
11. Wedstriidaginda 2022
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet de gearkomste om 20.00 oere: Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús foarjiersgearkomste binne.

In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Tjeerd Dijkstra en Jan Hiemstra.

Haadstiper Couperus: Tom en Greet. Ik ha heard dat it sponsorkontrakt lêsten ferlingd is mei 5 jier. Dêr wolle we jim tank foar sizze en wolle we jim efkes in boskje blommen jaan.

Ek in spesjaal wolkom foar René fan de Skoalleseize. Hy krijt letter yn de gearkomste ek efkes it wurd oer de nijste ûntwikkelings op dit sportkompleks.

Ofmeldings ha we krigen fan: Christian Hoekstra.

It is alwer twa jier lyn dat we sa byinoar sitte koene. Dat wie de jûn foardat Rutte op tongersdei de earste lockdown oankundige en it lân op slot gie. Dêrnei moasten we spitigernôch al ús keatsaktiviteiten skrasse, mar koene we gelokkich letter yn it keatsseizoen wol los. Ferline jier sieten we mei ús foarjiersgearkomste foar it earst yn ús histoarje digitaal byinoar, mei in borrelpakketsje op tafel. Ik spruts doe de hoop út dat it foar it lêst wêze soe en gelokkich lykje ik gelyk te krijen. Mar gelokkich leit dy tiid foarearst efter ús. It liket der op dat we it coronafirus reedlik de baas binne en dat we dus ek in reedlik normaal keatsseizoen temjitte gean. Letter yn de gearkomste wurdt ús wedstriidaginda fan 2022 oan jim presintearre en dêr sit wer genôch moais tusken. Dêr sjoch ik no alwer mei in protte nocht op foarút.

Minder moai – en dat wol ik hjir alfêst efkes beneame – is dat ús bestjoerlike besetting ûnder druk stiet mei it ôftreden fan fjouwer bestjoersleden, wêrûnder iksels. Letter yn dizze gearkomste komt dit oan 'e oarder by it puntsje bestjoersferkiezing. We ha justerjûn mei in groepke belutsen leden byinoar sitten om it te hawwen oer dizze situaasje. Doel dêrfan wie om mei-inoar oplossings te betinken foar sawol de koarte as de lange termyn. It hat in goede sessy west mei weardefolle bydragen. Letter hjiroer mear.

Mar yn elts gefal moai dat we sa wer byinoar sitte kinne. Fielt dochs wol wer goed om sa mei ús allen dizze ôftraap oan it seizoen te jaan.

We gean los! Ik wol eltsenien in noflike gearkomste tawinskje.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Gjin.

3. Oantekens fan de ledegearkomste op 19 maaie 2021

- Gjin fragen of opmerkings. Tank oan Wilma, sy makke de oantekens.

4. Finansjeel ferslach

- Ids lit ús de rekken sjen oer foarrich jier. Troch corona wykt de begrutting hjir en dêr ôf fan de echte sifers.

Rekken Totaal

Opbringsten	Begrutting 2021	Rekken 2021	Rekken 2020
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	1.983	2.288	1.091
Sponsorjilden	11.425	13.057	4.460
Kontribúsje en trainingsjilden	7.854	7.026	6.040
Aksjes	4.300	1.766	1.801
Subsydzje Gemeente	150	152	548
Subsydzjes en bydragen	0	0	500
Ferskate opbringsten	2.455	1.912	1.532
Totaal opbringsten	28.167	26.201	15.972
Kosten	Begrutting 2021	Rekken 2021	Rekken 2020
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	7.802	8.920	2.673
Kosten wedstriden	4.531	3.262	1.300
Ferieningskosten	9.612	7.717	3.601
Hier sporthal, fjilden en materialen	1.161	930	952
Federaasje en KNKB	3.273	3.272	3.223
Aksjes	1.615	290	62
Materiaal	1.802	1.875	231
Totaal kosten	29.796	26.267	12.042
Resultaat	-1.629	-66	3.930

Eigen Fermogen yn sifers


	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021
Kas	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028
Bank	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.196	17.065
Sparrekken	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	20.000	
Oerrinnende posten	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79
Murten (SKS)								450	341	353	
Reservearrings				1.309	3.908	6.788	10.898	11.998	12.093	10.593	12.233
Eigen fermogen	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484	23.330	27.260	27.194
Resultaat	-33	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846	-3.930	-66

Reservearrings

- Kleanreservearring € 9.146
- Reservearring omheining pelotefjild € 197
- Reservearring keatskamp € 500
- Reservearring keats-off & generale frouljus PC € 387
- Reservearring ferskate materialen € 200
- Reservearring ympuls jeugd € 500
- Reservearring kaderjûn (€ 750 foar Foppe Fonds) € 1.250
- Totaal € 12.180**

Eigen Fermogen yn in plaatsje

Ontwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein



Begrutting 2022

Opbringsten	Begrutting 2022			Begrutting 2021
Kategorie	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Begrutting 2021
	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynlis wedstriden	0	2.878	2.878	1.983
Sponsorjilden	3.000	7.913	10.913	11.425
Kontribúsje / Treningen	7.371	0	7.371	7.854
Aksjes	3.388	1.350	4.738	4.300
Subsydzjes / Bydragen	0	0	0	150
Ferskate opbringsten	3.380	1.008	4.388	2.455
Totaal opbringsten	17.138	13.148	30.286	28.167
Útjeften	Begrutting 2022	Begrutting 2021	Begrutting 2021	Begrutting 2021
Kategorie	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Begrutting 2021
	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	150	10.160	10.309	7.802
Wedstriden en keatskliniks	274	4.594	4.868	4.531
Hier sporthal, fjilden, materialen	960	585	1.545	1.161
Ferieningskosten	8.063	1.330	9.392	9.612
KNKB en Federaasje	3.233	0	3.233	3.273
Aksjes	1.250	265	1.515	1.615
Materiaal	2.009	55	2.064	1.802
Totaal útjeften	15.937	16.988	32.926	29.796
Resultaat	1.201	-3.841	-2.640	-1.629

- De gearkomste giet akkoart mei de begrutting foar 2022.

Kontribúsje en bydragen 2022

	2020	2021	2022	Ferskil
Kontribúsje senioaren	35,00	35,00	35,00	-
Kontribúsje jongerein	26,50	26,50	26,50	-
Treningen jongerein				
- Seal	12,50	12,50	12,50	-
- Fjild	17,50	17,50	17,50	-
- Beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis Westriden				
- Senioaren Leden	3,00	3,00	4,00	1,00
- Senioaren Federaasje	3,00	4,00	5,00	1,00
- Senioaren KNKB	5,00	6,00	6,00	-
- Jongerein Federaasje	3,00	3,00	3,00	-
- Jongerein KNKB	4,00	4,00	4,00	-

- Karin Sjaarda: is de sealtraining net € 8,00? Dat kloppet mar de federaasje nimt ek in diel fan de kosten op har. De jongerein betellet sels € 8,00.
- De kontribúsje bliuwt gelyk. De ynlis by wedstriden foar de senioaren giet mei € 1,00 omheech. De oanwêzige leden gean hjirmei akkoart.

Finansjele aksjes 2022

Opbringsten	Rekken 2020	Rekken 2021	Begrutting 2022
Aksje	Euro	Euro	Euro
Molkwarder koeke	0,00	0,00	750,00
Rabo Klupsupport	281,00	359,00	360,00
GEKE	66,00	56,00	55,00
Poelsz Jeugd sponsoraasje	1000,00	0,00	800,00
Jumbo Flessebonnen	155,00	173,00	173,00
Ferlotting Pearkeatsen	0,00	0,00	250,00
Ferlotting JFP	0,00	791,00	800,00
Ferlotting Slotpartij	237,00	185,00	300,00

- Stipe yn tiid of jild by dizze aksjes is altyd wolkom!
- Dirk Yde freget oft elkenien in jûn helpe wol mei de koeke-aksje op 4 of 5 april.

Klup fan 50!

- PR kommisje is hjir mei dwaande west.
- Boerd komt ynkoarten yn de Skoalleseize te hingjen.

5. Ferlach kaskommisje en beneaming nij lid

- Karin Sjaarda en Hendrik Sweering.
Hendrik Sweering: Gjin rare dingen fûn. Ids hie op alle fragen in antwurd. Ids is hjirby desjarzjearre. Vera de Vries nimt kommand jier it stokje oer fan Karin Sjaarda.

6. Bestjoersferkiezing (foar it skoff en it jierferslach)

- Sa as ik yn myn foarwurd al sei ha wy juster mei in groepke belutsen leden (Abe-Jan, Mattie, Wilma, Dieuwke, Ids, Tjeerd, Wietse en ik) byinoar sitten om it te hawwen oer de ûntstiene situaasje mei in sterk úttinend bestjoer. Fansels ha we it der yn ús bestjoer ek oer hân, mar tagelyk wie der it ferlet om help yn te roppen fan minsken dy't kritysk meitinke.

Al mei al ha we besocht oplossings te betinken foar sawol op de koarte as op de lange termyn.

Foar de koarte termyn hat Wilma har beskikber steld om de bestjoersgearkomsten te lieden en sa ek wer ûnderfining en kennis ta te foegjen oan it bestjoer. Dêrneist hat Ids oanjûn foareast wol ponghâlder bliuwe te wollen, salang as der noch net in oar fûn is. De fakatuere bliuwt dus wol iepenstean, foar sawol in foarsitter as ponghâlder.

We ha it ek oer de lange termyn hân. En ek dat wy ús ôffreegje moatte yn hoefiere it doel en de ambysje fan de feriening oanslút by de winsken en behoeftes fan it bestjoer en ús leden. Dêrneist sjogge wy dat it winsklik is om de belestberens te ferleegjen by foarsitters fan in kommisje dy't yn de hjoedeistige konstruksje ek sit hawwe yn it haadbestjoer. Dat betsjut dus dûbele gearkomsten mei sawol de kommisje as it bestjoer en bemouie mei aktiviteiten fan sawol de kommisje as it bestjoer. Wy ha neitocht oer hoe't dat miskien oars kin, om der sa ek in takomstbestendigere organisaasje fan te meitsjen en sitte te tinken om in

lytser bestjoer te foarmjen dy't har dwaande hâldt mei it belied en selsoperearjende kommissjes dy't harren rêde mei de útfiering. De foarsitters fan de kommissjes soene dan net mear yn it haadbestjoer hoege te sitten, mar om ferbining te hâlden soene se al in kontaktpersoan fanút it haadbestjoer krije.

It binne tinkrjochtings, mar we sille de opbringst ynkoarten yn ús haadbestjoer beprate en dêr gerjocht aksje op sette.

Offredend: Dirk-Yde Sjaarda,
foarsitter haadbestjoer

Foardracht: fakant

- Mattie hat in moai stikje skreaan foar Dirk-Yde:

Dirk Yde,

It bestjoer hat my frege oft ik dy tasprekke wol no'st ôfskie nimst fan it haadbestjoer. Moast al even slikke, tasprekke is net myn sterkste punt mar fûn wol dat ik dat dwaan moast. Dus by dizze...

Yn 2014 hast in jûn by ús op de bank sitten en kaamst mei it foarstel om as duo it foarsitterskip op ús te nimmen want der waard in nije foarsitter socht foar de keatsferiening.

Do wiest alle wykeinen noch oan it keatsen mar woest al wat betsjutte foar de KF. Pratende wei kamen we ta in plan om der as duo foar te gean. Beide komme we út in húshâlding wêr't it keatsen op in belangryk plak stiet. Dyn âlders en sussen ha in protte wurk fersetten yn it keatsbestjoer, kommisje of op de tillegraaf.

Do bist in man mei fergadertalint en wolst de organisaasje goed delsette. Dêr soesto dy dan foaral mei dwaande hâlde.



Ik bin foaral praktysk ynsteld en pak dingen graach sa gau as mooglik op sadat it net mear yn de holle sit. Ik soe dan ek dat soarte fan saken oppakke sa as wedstriidlieding en sa, sadatsto fierder koest mei dyn karriêre as keatser.

Trochdat ik in man ha dy't ek jierren foarsitter west is en troch myn ferline yn kommisjes, wie ik al aardich thús yn de organisaasje. Dus it moast tegearre wol slagje tochten wy en we soene der foar gear.

We binne yn 2014 starten en it gie sa moai as wat. Hast it betiden wol dreech hân mei ús as HB leden. Wat ha we wat omeamele mei-inoar. Do hiest altyd in protte ideeën dy't yn de groep goaid waarden. Fernijings yn de organisaasje, mei de Jong-Feinte in moai keatswykein foarmje, keatskamp opsette en gear samar troch.

Om alle noazen deselde kant op te krijen falt net altyd ta. Guon fine it al gau in goed plan mar der sitte ek wol ris minsken tusken dy't hiel kritysk wêze kinne. De gearkomsten wiene sa ek wol ris let klear en dan falt it net ta om elkenien skerp te hâlden. Om in ein te meitsjen oan de diskusje en fierder te gear mei de agenda wie net dyn sterkste punt. Wolst elkenien de kâns jaan om te sizzen wat se kwyt wolle mar as foarsitter moatte je de regy wol yn hannen hâlde. Do miskien wat lang fan stof en foaral Wilma en ik wolris wat koart troch de bocht. Mar hast dy der goed mei rêden. Komplimenten.

We ha moaie dingen meimakke mei foar my, en dy ek tink, as hichtepunt de musical "Kening op sokken". Wat in pracht projekt wie dit en foar dy hielendal fansels. As jonkje fan 13 as Lytse Jelle meidien en 22 jier letter de rol fan grutte Jelle spile. Mei syn allen de âlde bekinde ferskes sjonge wie in feest. Wat ha we wat oefene mei inoar. Wat in talint hast do sjen litten. Yn it spyljen mar foaral ek yn it sjongen. Doe't wy begûnen mei de tariedings hiene we neat ferwachte dat der safolle minsken in kaartsje keapje woene en sa kamen der hieltyd mear foarstellings by.

Yn in petear op de radio mei Omrop Fryslân hast noch sein datst graach sjonge mochtst en dat dêr miskien noch wol ris in ferfolch op kaam. Dêr kinst no wol ris oer neitinke om dêr wat mei te dwaan. Keatst net mear dus....

Hast 3 jier langer dyn rol as foarsitter folbrocht om it bestjoer foltallich te hâlden mar fanwege dyn sûnens is it ferstanniger om no dochs dyn foarsitters hammer del te lizzen. Sûnens is it belangrykst en

foar Imke en Mats moast ek wat enerzjy oer hâlde om oare dingen te dwaan.

We ha fansels allegearre wat soarch oer hoe't it no fierder moat mei de Keatsferiening mar it komt nei in skoffke ek altyd wer goed. Dat dingen miskien oars gear is dan even sa.

Ik ha in protte fan dy leard de ôfrûne tiid, behalve it sprekken yn it iepenbier, dat kinsto sa goed en fyn ik altyd dreech... Myn fersnelling wol net sa goed nei ûnderen sa as jim no fêst wol yn de gaten ha.

Dirk-Yde, ik wol dy út namme fan alle leden, it bestjoer en de kommisjes hiel hertlik tankje foar dyn ynset en we krije fêst noch wol ris dyn help mei de organisaasje ast dêr de enerzjy foar hast. Dat hast al wat tasein ha ik heard.

Tige tank!

- Dirk-Yde krijt in moai blomke en in oantinken. Hy betanket eltsenien en sil net hielendal út it sicht ferdwine. Hjir en dêr sil der it bestjoer helpe.
- **Offredend:** Chris Hoekstra, foarsitter jongereinkommisje
Foardracht: fakant
- Romine hat efkes wat aardichs op papier setten oer Chris:

Tsja dan mei ik in stikje skriuwe oer Chris. Chris do bist yn 2020 yn it HB kommen as foarsitter fan de TK. Myn earste reaksje wie: HUH Chris Hoekstra. Tja, mar dan wol in oare Chris Hoekstra. Dizze Chris komt fan Spannum en is mei syn freondinne Mirjam yn Easterein te wenjen kaam. Mirjam koe ik dan wol, want dy siet ûnderwilens al yn de WK. Do kaamst yn it bestjoer mar in soad fysyk mei inoar fergadere ha we net. Troch Corona wie de ôfrune jierren fansels oars as oars. Mei inoar fergaderje siet der net yn en keatsen mocht pas let yn it seizoen. Dus in soad op de fjilden binne we net west. Spitigernôch. Ek yn dyn wurk hiest te meitsjen mei Corona en mear drokte. Noch in ekstra winkel derby en dêrtroch minder tiid foar oare dingen.

Foarrich jier binne de JK en TK gearfoege ta ien kommisje. It earste jier wie lestich en wiene de ferwachtings fan eltsenien oars, wêrtroch it noch net hielendal rint sa as it moatte soe. Mar troch te min tiid, kinsto net de tiid en enerzjy der yn stekke om it goed op de rit te kryen. Doch stiest achter de nije opset.

De Jumbo krige in nije manager en sei it sponsorjen fan de KF en de JFP op. Dêrtroch wiene der gjin lunchpakketten mear, mar do bist hjir gelyk yn stapt en hast der foar soarge dat dyn wurkjouwer Poiesz hjir yn sprongen is. De katering mei de JFP wie op folle sterkte om alle lunchpakketten te meitsjen, mar se hiene it rêstich. Normaliter krigen wy de produkten oanlevere en moasten it self noch smarre en ynpakke. Mar do hiest der foar soarge dat dit alles al dien wie. De katering wie dy der tankbar foar. Ek de kadopakketten by in wedstriid wurde no troch dy/Mirjam regele. It wurd 'Jumbo' wie net mear tastien. Dêr koest ús altyd netjes op wize. De jeugdaksje fan de Poiesz is foar it HB no makliker. We hoege neat mear foar te sjitten en op te heljen. Do soarchest dat de bestelling freed by de goeie persoan te lâne komt. Ik hoopje dan ek dat we foar dit alles noch altyd in berop op dy dwaan kinne.



Ek sitst noch yn de kommisje fan de nije opset fan de JFP. De plannen binne der, mar spitigernôch troch Corona noch net mooglik. Ek dit jier sil it noch net in grut Eastereiner keatswykein wurde, sa as jim dit foar jim sjogge. As ik it net ferkeard begrepen ha, bliuwt dy hjir wol foar ynsetten en ik hoopje dan ek dat jim hjir takom jier fol op yn sette kinne. De plannen hearre goed en útdaagjend.

Mar ja, troch gebrek oan tiid hasto de beslissing naam om earder op te hâlden. Foar us kaam it wol as in ferrassing en we ha der alles oan dien om dy op oare gedachten te bringen, mar spitigernôch is dit net slagge. Troch tiidgebrek kostet it mear enerzjy dan dast der út hellest en dêrom stapst op. Spitich.

It wiene 2 moaie jierren en ik ha dy kennen leard as in ambisjeus persoan, dy't him foar 100 prosint ynset en oars net. Hast in dúdlike eigen miening en hjir komst ek foar op. Wy, as HB, winskje dy in soad

súkses yn dyn fierdere libben en wat der allegear by heard. Earst yn maaie in moai feest (en sa as it no stiet sûnder maatregels) want dan giest trouwen mei dyn Mirjam.

Chris nochris betanke foar alles watst dien hast foar it HB en we hoopje dy seker noch op it fjild te sjen.

- Ek Chris krijt in oantinken en in blomke.
- **Offredend:** Sjouke Schilstra, fjilden- en materialen
Foardracht: fakant
Spitigernôch is Sjouke net oanwêzich. Lysbeth is der wol en krijt it blomke fan Sjouke.
- **Offredend:** Ids de Boer, ponghâlder
Foardracht: fakant
Ids bliuwt noch in jier as ponghalder op de eftergrûn. En nimt kommend jier ôfskied. Ek René Rypma helpt noch mei.

7. Presintaasje jierferslach 2021

De PR-kommisje hat wer in moai jierferslach foar ús makke. We moatte der wol om tinke dat we in soart foto's meitsje en dizze trochstjoere nei ien fan de PR-kommisje leden. Ek in ferslach fan in partij is wolkom, Dy woene der dit jier wolris by yn sjitte.



8. Skoff

9. Stikken gearkomste KNKB op 31 maart 2022

- Der binne 6 hammerstikken tidens de algemiene gearkomste fan de KNKB
 - a. Hammerstik 1: Oprjochting jeugdfûns
 - It bestjoer fan de KNKB krijt it foech ta it oprjochtsjen fan it JeugdFonds KNKB.
 - Ut de reserves stoart de KNKB in startbedrach fan € 25.000 yn it jeugdfûns.
 - b. Hammerstik 2: Wedstriidaginda foarstel A
 - Fan 2023 ôf wurdt wurke mei ien format en ien wedstriidaginda. Alle partijen stean hjir dan yn.
 - It oerienkommen format is liedend yn it ta-wizen fan wedstriden.
 - Tjeerd Dijkstra freget off alle wedstriden hjir yn sitte. It antwurd is: ja alle federaasje wedstriden, rekreaasje (wylde partijen) en KNKB.

- c. Hammerstik 3: Wedstriidaginda foarstel B
- It belied fan klassikers en tradisjonele wedstriden wurdt beferzen.
 - De KNKB giet aktyf op syk nei gearwurkingen tusken ferienings (roulaasjesysteem).
 - De frijfallen data yn de wedstriidaginda wurde net mear 'fêst' ynfolle.
 - Jan Hiemstra tinkt net dat der folle giet feroarjen omdat der ek in plan is om minder haadklasse wedstriden te hâlden. Mar dit kinne je oplosse troch bygelyks in wedstriid 1 kear yn de twa jier te hâlden seit Dirk-Yde.
 - Sietske Okkema: Krije de keatsers ek in stim? Dat is in fraach dy't we meinimme kinne nei de gearkomste.
- d. Hammerstik 4: Ynbarren fan ynlis fia de KNKB side (fan 2023 ôf)
- Opjefte fia KNKB site mei iDEAL betelling
 - Ynlis jeugd € 4,00 en de folwoeksenen € 6,00
 - Foar net-leden jildt in taslach fan € 1,50
 - De ôfdracht oan de bûn bliuwt € 1,00
 - Hoe giet dat by de wylde partijen? Dizze fraach wurdt ek steld op 31 maart.
 - Sipke Hiemstra: Net leden kinne harren dan ek opjaan by de regiowedstriden.
 - Yn it reglement is oanjûn foar hokker partijen ast ynlis jaan moast.
- e. Hammerstik 5: Lidmaatskip KNKB
- De ferplichte wedstriidferdieling wurdt in rjochtlâne
 - De kommende twa jier wurdt de ôfdracht fan de kontribúsje net ferhege
 - Jan Hiemstra: Is der ek ien dy't de ferienings werom helje kin foar lidmaatskip KNKB. Dat is oan de KNKB om hjir in plan foar te betinken.
- f. Hammerstik 6: Keatsreglemint
- Benammen tekstuele oanpassings en ferdúdlikens, gjin yngripende feroarings
 - Sipke Hiemstra: Nij is dat de wantemakker in goedkarde want ôfleverje moat.
 - It haadbestjoer wol alle hammerstikken goedkarre, de leden dy't by de gearkomste oanwêzich binne gean hjirmei akkoart.

10. Punten fanút it bestjoer

- Ofskied kommisjeleden
Wedstriidkommisje: Tjerk Politiek
Jongereinkommisje: Lysbeth Schilstra,
Geertje Sijbesma, Jan Schurer en Chris Hoekstra
(ek haadbestjoer)

De oanwêzige jk-kommisjeleden krije in boskje blommen fan Chris. Chris betanket de froulju foar

al it goeie wurk wat se foar de kommisje dien ha. Wilma sil letter op 'e jûn Tjerk noch betankje mei in wurdje en fansles in blomke. Hy kaam wat letter (omdat hy it in bytsje fergetten wie).



- Nije kommisjeleden
Wedstriidkommisje: Jelmer Hazenberg
Keatskampkommisje: Tjalie Houtsma

Bliid binne we mei de komst fan Jelmer yn de wedstriidkommisje en Tjalie yn de keatskampkommisje

- Fakatueres fan 23 maart 2022 ôf
Jongereinkommisje (3 nije leden):
- Trainerskoördinator
- Kompetysjekeatsen
- Wedstriden
De funksjes kin ek oars yndield wurde.

Keatskampkommisje: 1 nij lid (foar Sieta Tessemaker)



We ha spitigernôch noch gjin nije leden foar de jongereinkommisje. Dejinge dy't graach wol, kin har/him melde by 1 fan de bestjoersleden.

- Punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits e.o.
Hester is by dizze gearkomste west:
 - Soms grutte oantallen by de jeugdwedstriden y.f.m. 'iepen grinzen' federaasjes. Troch de grutte opkomst hat de feriening net genôch materiaal. Mooglik dat oare ferienings in berop op ús dogge en wy op harren.
 - Foar de wintertraining binne se noch op syk nei helptrainers. Dit is woansdeitemidde fan 16.00 tot 18.00 oere.
 - Op syk nei in nij bestjoerslid foar takomjier. It is it lêste jier fan de sekretaresse. As der belangstellenden binne dan kinne sy harren melde by it bestjoer.
 - Pilot 'earste fout telt' giet allinnich troch by de welpen en net mear by de pupillen (konform belied KNKB).
- Ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
René Velzen is oanwêzich fanút de Skoalleseize. Hy fertelt dat se troch de corona 2 mindere jierren hân ha. Dochs ha se net stil sitten en is der in nije lûdsynstallaasje foar bûten kommen. Ek komt der noch in nije brân- en ynbrek-ynstallaasje.
- KF-jûn mei Foppe de Haan op freed 22 april
 - Freed 22 april om 20.00 oere.
 - Foar ús jild- en tiidstipers (kader en stipers)
 - Gesellige jûn as ôftraap foar it keatsseizoen!

Yn neifolging op de kaderjûn yn 2019 mei Siebe Kuipers, organisearje wy no in KF-jûn mei Foppe de Haan. Dat hiene we al yn 2020 dwaan wollen, mar om de wolbekende reden koe dat net earder. Us kaderleden en stipers wurde earst útnûge en krije de mooglikheid om harren op te jaan. De eksakte ynfolling fan de jûn moatte we noch beprate, mar we wolle der mei syn allen in gesellige jûn fan meitsje!

- Preview KF-webshop en nije ôfdielingshirts
Judy fertelt dat de PR-kommisje op stap west hat nei it bedriuw Muta Sport. Sy ha mei Muta Sport foar ús in nij stel shirts ûntworpen. Te hearren oan de reaksjes, fine de measte leden de shirts moai. Ek de trainingspakken sjogge der goed út. Karin freget as der ek ferskil yn shirts is by man/ frou. Mar dat is net sa. Der binne wol ferskillende broekjes foar man en frou. Der is noch gjin bestimming foar de âlde klean. Ideeën binne wolkom.

Neist de nije shirts en trainingspakken kin elts aanst ek syn eigen KF Easterein klean, -tassen en nim mar op, bestelle. Der komt hjirfoar in webshop.

- Keatskamp
Op snein 1 maaie is der is wer in keatskampdei. It tema is 'de Keats Olympics'. Spultjes yn it doarp, keatse, pankoek-ite en in feestlike ôfsluting op Medal Plaza. Opjaan kin foar 2 april fia ús webside, KF Wommels docht ek wer mei.

11. Wedstriidaginda

- 23 partijen yn totaal:
 - 7 ledepartijen senioaren
 - 7 ledepartijen jongerein
 - 1 federaasjepartij senioaren
 - 1 federaasjepartij jongerein
 - 5 KNKB partijen
 - 1 Stipersdei
 - 1 Boeren-PC

Der komt ek wer in programmaboekje.

12. Omfreegjen

Sipke: is der freedts foar de Jong-Feintepartij ek wer wat foar de jeugd? Ja is wol de bedoeling. Sipke hie graach sjoen dat der ris in kear in 50+ partij ferkeatst wurde kin. Mar dizze partijen binne neffens de WK dreech te krijen.

13. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.05 oere.
Tank foar jim oanwêzigens!

De PR-froulju: tank foar de katering!
Yn de wike fan 4 april komme wy by jim del foar de koeke-aksje. Alle help is wolkom!
En fansels freed 22 april de KF-jûn mei Foppe de Haan. Set dizze alfêst yn jim aginda!
Dêrnei, op 27 april mei de Keningsdei partij, meie wy foar it earst yn aksje.
Snein 1 maaie keatskamp!
De ôftraap is jûn foar dit keatsseizoen. Litte we der mei syn allen wer in moai keatsjier fan meitsje!

Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hús. Mar oars, wol thús!

2022: In moai keatsseizoen!

Nei 2 corona jierren ha we yn 2022 gelokkich wer in gewoane en folle keatsaginda ôfdraaie kinnen. As wedstriidkommisje sjogge wy werom op in slagge seizoen. Mei 7 ledepartijen foar sawol de senioaren as de jeugd, 2 federaasjepartijen en 5 KNKB wedstriden siet der foar elts wol wat tusken om oan mei te dwaan of as frijwilliger de hannen út de mouwen te stekken.

Want dêr giet it úteins om; mei nocht en wille, yn hokker foarm dan ek, op it fjild stean. En dat it by ús yn Easterein gjin probleem is docht wol bliken út de leden dy't manmachtich helpe wolle, ús tank dêr foar!

Ut namme fan de wedstriidkommisje binne Wietse, Jelmer en Wilma dyjingen dy't de ledewedstriden foar it grutste part organisearje: opjeffe, lotsje, listen meitsje en de wedstriidlieding op de dei sels. Romine is de skeakel tusken it haadbestjoer en de wedstriidkommisje en regelt de karmasters foar de KNKB wedstriden. Mirjam makket de oantekens fan ús oerlizzen en Tineke regelt de krânsen en katering tidens KNKB wedstriden. Sa bin we in moai folslein team mei-inoar.

Winterdeis binne we dwaande mei de wedstriid-aginda foar it folgjende seizoen en tinke we alwer nei oer de prizen. Mochten der no spesifike (wedstriid) winsken wêze fanút jimme, lit it dan foaral witte! Wy steane oeral foar iepen.

We sjogge jim graach wer yn 2023 op it keatsfjild!

Ut namme fan de wedstriidkommisje,

Wilma Sjaarda, Jelmer Hazenberg, Romine Jelsma, Tineke Kamstra, Mirjam Reitsma, Wietse Vink



In weromblik fan de Jongerein- & Technyske kommisje

Wêr't we foarrich seizoen noch de hânrem derop hiene troch corona, koene we dit jier wer normaal de wedstriden en aktiviteiten draaie. Wat moai dat it wer koe! Dit jier hiene we neist de sealtrainingen in ôftraap foar âlders yn de foarm fan in iepeningsjûn. Hjiryn wie der foar âlders útlis oer it seizoen en romte foar fragen. Tagelyk is ek de fertroude flyer wer útjûn dy't net allinnich mar moai is, mar troch alle ynfo ek noch super handich!

Fansels kin in seizoen foar de jongerein net begjinne sûnder in keatskamp! Dit bliuwt in hichtepunt fan it jier. No wie der as corona-neisleep dochs noch keazen foar ien dei, mar miskien dat dit kommand jier wer mei oernachting(en) wêze sil? Oer it keatskamp is op in oar plak yn dit jierferslach mear ynfo om jim efkes mei werom te nimmen nei dizze moaie dei.

Geandewei it seizoen ha we neist 16 kompetysjewedstriden, ek 8 kear in wedstriid hân foar de bern, wêrfan 3 kear yn gearwurking mei Wommels. We mochten oanslute by de ledepartij yn juny yn Wommels, mar se binne hjir ek west tidens it keatskamp, in ledepartij yn july en by it nachtkeatsen as ôfsluter fan it seizoen. Us pupillen en skoaljongerein koene foar de trainingen en kompetysjewedstriden nei Wommels, sadat der mear bern binne dy't inoar útdaagje kinne en wêrby't oansluting is. Net ferkeard liket ús.

Dan noch wat koarte keatsweetjes op in rige:

- De flessebon-aksje by de Jumbo hat € 131 opsmiten. In prachtige bonus!
- Ek dit jier koe Klaas Sixma it net litte om dochs noch in ekstra jier yn de JK te bliuwen. Kommend jier dan wierskynlik dochs in stapke werom? Fansels sille we him wer tsjin komme op de fjilden.
- Jan Schurer hat begjin dit jier ôfskie nommen fan syn rol as trainingskoördinator.
- Marijke Jellema tocht by in soad fan de JK graach posityf mei, mar foaral by de kompetysje die se har ding. Ôfrûne jier wie, nettsjinsteande dat, har lêste jier.
- Dat jildt ek foar Johannes Hazenberg dy't de TK foar syn rekken nommen hat.
- Chris Hoekstra wie foarsitter, mar hat dit stokje tydlik(?) oerdroegen oan Imke van der Leest. Mar sjen hoe tydlik dit wêze sil.
- De âlder/bernpartij wie yn it ferline al faker ferklaaid, mar dizze kear koene de partoeren tegearre op de foto. De ien noch gekker as de oare!
- Yn ús Eastereiner wykein hiene we de freeds in moaie ynfolling jûn mei in echte keatsmuorre en in keatsmuorre kampioen op it fjild, mar dêrneist ek bootcamp en it nije spultsje spikeball koe spile wurde. Folop yn aksje en genietsje!

- De lêste partij as ôfsluter wie ek krekt efkes oars. Net it nachtkeatsen, mar efkes letter, tagelyk mei de senioaren op it fjild in baltsje slaan. En net ûnbelangryk, nei de tiid koe elts genietsje fan in lekkere bbq én Fianne Dijkstra is keatster fan it jier wurden. Klasse!

Alle trainers, fjildlizzers, fjildmeaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidbegelieders, blokjerinners, barminsken, patatbakkers en oare jokers en helpende hannen: tige tank foar jim ynset!

De Jongerein- & Technyske kommisje,
Johannes, Klaas, Marijke, Marit, Peter, Sietske en Imke



Priiswinners kompetysjekeatsen '22

Kabouters:

- 1e: Sven Sijbesma
- 2e: Benthe Stoffelsma
- 3e: Harmen Joustra

Welpen:

- 1e: Jelke Sijbesma
- 2e: Fenne Sijbesma
- 3e: Elin Stoffelsma

Pupillen:

- 1e: Pieter Age v/d Weide
- 2e: Tryntsje de Jong

Skoaljeugd:

- 1e: Douwine Tolsma
- 2e: Sander Velzen
- 3e: Tjitske Baukje Joustra



KEATSTER FAN IT JIER 2022



Ik ha foarrich jier, yn 2022, in moai seizoen hân by de 3e jiers skoalfamkes. Alle wykeinen bin ik fuort west te keatsen, federaasje of KNKB, ik wie altyd fan de partij. Ik ha in soad prizen wûn yn 'e wykeinen dat ik fuort wie te keatsen en de lêste wiken foar de ein fan it seizoen, ha ik ek noch in pear kear de krânse pakt. De moaiste partij wie de slotpartij yn Stiens, fûn ik. Dêr ha ik myn lêste KNKB wedstriid fan 2022 keatst. De earste priis en in hiele gesellige partij.

De lêste ledepartij, dêr wie ik ek. Spitigernôch hie ik gjin priis, mar wol wie it in hiele gesellige partij mei nei ôfrin in lekkere barbecue. By de priisútrikking wie der ek in priis foar de 'Keatser fan it jier'. Ik wie hielendal fernuvere doe't ik myn namme hearde, want ik hie it net ferwachte.

Foar kommand jier bin ik ek al los by de trainingen fan 'Kaatsfan' yn de famkes kategory. Dit jier hoopje ik mei in moai ôfdielingspartoer te keatsen foar Easterein en wer leuke wedstriden te keatsen.

Spitigernôch is dit jier en de kommende jierren myn trouste supporter net mear op de fjilden, mar yn gedachten is se der altyd noch by...

Tige tank en oant sjen!



Fianne Dijkstra

PR-kommisje 2022

YES, YES, YES wy koene ús dit jier lekker útlibje. Nije ôfdielingsshirts en trainingspakken, PR rûnom de Jong-Feinte, jierferslach 2021, webshop, boerd klup fan 50 en noch folle mear.

Wy binne mei in delegaasje nei Muta Sport yn Ljouwert west, der ha wy ús goed foarljochtsje litten. Úteinlik binne d'r trije opsetten makke foar de ôfdielingsshirts en trainingspakken. Nei lang 'wikken en wegen' binne we d'r mei de PR-kommisje, yn gearwurking mei it HB, goed útkaam. Gelokkich koene we dit seizoen hast allegearre (jong en âld) yn nije ôfdielingsklean keatse. No binne ûndersteande "âlde" mannen in soad yn de ôfdielingsshirts fuort west te keatsen. It leafst sjogge we fansels ek noch folle mear jeugd yn de moaie ôfdielingsklean op de Fryske fjilden!

Op de Jong-Feinte ha we wer in slagge ferlotting organisearje kinnen. We binne tige bliid mei ús stipers, want we hiene ek dit jier wer prachtige prizen!



Dêrneist is d'r in boerd yn 'e kantine kaam foar de klup fan 50 fan KF Easterein. Fansels is dit boerd noch lang net fol, dus d'r kinne noch mear nammen op!

Komst dyn namme hjir ek op te stean?

Sa as jimme hjir boppe sjen kinne ha wy ek in webshop op de webside fan KF Easterein. Hjir kinne jimme klean, tassen, hândoeken ensa bestelle mei it KF Easterein logo d'r op. De artikels kinne ek personalisearre wurde mei de eigen namme of inisjalen. Seker de muoite wurdich om efkes te sneupen op de webside fan KF Easterein.

De PR-kommisje,

Mattie, Froukje, Akke Jikke, Jetske, Greet en Judy



Finansjele- & stipekommisje

Nei de beide corona jierren 2020 en 2021, yn 2022 lokkich wer in 'gewoan' keatsjier. In 'gewoan' keatsjier, al least sûnder de beheining yn it ramt fan it coronafirus. Fierder wie der wer in ambisjeus programma gearstald mei machtich moaie hichtepunten. Ambisjeus, om't der op de ledegearkomste fan 23 maart 2022 in fjouwertal bestjoersleden, om ferskate redenen, harren ôfskied oankundigje moasten. De oare bestjoersleden ha, mei de stipe fan de ferskate kommissjes en in grutte groep warbere leden, derfoar soarge dat it ambisjeuze programma dochs gruttendiels súksesfol útfierd is. Dêrmei binne ús leden en de oare keatsleafhawwers noch ryklik oan harren gerak kommen. Alle kreativiteit is oansprutsen en dat smyt dan ek wer ferrassende ideeën op, sa as in oanpaste organisaasjestrutuer fan it bestjoer mei har kommissjes.

Wy, as finansjele- & stipekommisje, ha wer ús bydrage leverje kinnen oan de KF Easterein om it ambisjeuze programma finansjeel ek ferantwurde útfiere te kinnen. We binne wer belutsen west by it opstellen fan 'e begutting 2022 en ha, benammen troch ús grutte groep trouwe stipers, de ferskate aktiviteiten wer finansjeel dekke kinnen. Sa as de lêste jierren struktureel bard is, is it fermogen fan de keatsferiening Easterein tanommen en stiet de feriening der finansjeel sjoen, sûn op. Der is yn elts gefal de nedige finansjele romte om ynvestearringen te dwaan, dy't it keatsen yn Easterein e.o. op in breed mêd fasilitearret.

Stipers

Ek yn 2022 ha wy wer in berop dwaan kinnen op ús trouwe stipers foar harren bydrage oan de feriening. De stipers gunne de keatsferiening dy bydrage (finansjeel of yn natuera). Der is meastentiids sprake fan in hege gunfaktor. Wy moatte der mei ús allen foar soargje dat dit behâlden bliuwt foar de takomst. As 'tsjinprestaasje' kinne ús stipers harren namme keppelje oan ferskate saken, sa as kleanstiper, stiper fan in keatspartij, stiper yn algemiene sin ensfh. Ek yn 2022 binne de stipers it hiele keatsseizoen te bewûnderjen west op in grut stipersboerd by it keatsfjild. Ek komme de nammen fan de stipers werom op affysjes, de webside ensfh. Mei sa'n 50 stipers, 'de klup fan 50' en 'de âld Feinteklup' stiene sy wer foar in grut diel fan 'e opbringsten om alle aktiviteiten yn 2022 finansjeel ferantwurde útfiere te kinnen.

We priizje ús as keatsferiening Easterein lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet (ek yn natuera). Sa as foarrich jier op it nipperke noch melden wurde koe yn it jierferslach, is dat oan de ein fan 2021 it kontrakt mei ús haadstiper Couperus Hydrauliek B.V. mei yngong fan 2022 wer mei 5 jier ferlinge is! In boppeslach foar de keatsferiening Easterein! **Lâns dizze wei wolle we alle stipers wer tige tank sizze!**

Oan it begjin fan it seizoen, op 22 april 2022, is sûnt jierren wer in stipersjûn organisearre. Mei Foppe de Haan as sprekker, wie it in tige slagge jûn mei in grutte opkomst fan stipers en kaderleden fan de Keatsferiening Easterein. Hjirmei waard omtinken jûn oan ús stipers en oan de kaderleden.



De jierlikse tradisjonele stiperspartij koe spitigernôch net troch gean, om't der te min animo foar wie. It liket derop dat der op dit stuit folle mear animo is foar in stipersjûn as foar in keatspartij. Op de slotdei 11 septimber, koene de stipers dochs noch harren keatskwaliteiten sjen litte. Mei in grutte opkomst en in ôfslutende bbq waard it keatsseizoen 2022 op in waardige wize ôfsluten.

Fûnsen/subsydzje/aksjes

Yn it jier 2022 binne der wer ferskate aksjes west, wêrtroch't ek de feriening mei har leden en frijwilligers, in substansjele bydrage levere hat oan it rûn krijen fan it finansjele plaatsje. Ek is wer gebrûk makke fan de reguliere subsydzjes dêr't de keatsferiening foar yn oanmerking komt. Dit jier binne der fierder gjin fûnsen oanskreaun om't der gjin ekstra aktiviteiten wiene dy't hjirfoar yn oanmerking komme.

Finansjele- & stipekommisje

Sa as al neamd by de ynlieding, wiene der mei de ledegearkomste op 23 maart 2022 in fjouwertal bestjoersleden ôftredend. Ek ús nije ponghâlder lds de Boer moast nei in jier syn ôfskied oankundigje. Om't der noch gjin ferfanger fûn is, hat lds it hiele jier noch sa goed as mooglik syn taak as ponghâlder útfierd. Hjirby is hy treflik holpen troch René Rijma, dy't op de

Iedegearkomste fan 2021 al formeel ôfskied nommen hie. Mei René syn ûnderfining en ynset ha se tegearre, mei stipe fan de finansjele- & stipekommisje, it jier 2022 finansjeel ôfslute kinnen. Wy binne tige tankber foar harren bydrage oan de keatsferiening. Fan 2023 ôf sil Romine Jelsma de taak fan ponghâlder op har nimme. Wy winskje Romine in protte súkses.

Mei it ôfskied fan ús nije ponghâlder Ids de Boer en de stipe fan ús âlde ponghâlder René Rijpma, ha wy as kommisje de taken yn 2022 sa ferdield:

- Tjeerd Dijkstra: foarsitter en stiperkontakten
- Ids de Boer/René Rijpma: waarnimmend ponghâlder en kontakt HB, stiper-administraasje en stiperkontakten
- Hendrik Okkema: algemien lid en stiperkontakten
- Hendrik Kuiper: algemien lid en stiperkontakten
- Jan Simon Jelsma: algemien lid en stiperkontakten

Ek yn 2023 sille wy as finansjele- & stipekommisje, yn gearwurkjen mei it haadbestjoer en de oare kommissjes, der wer foar soargje dat alle plannen finansjeel ferantwurde útfierd wurde kinne en we hoopje wer op in geweldich keatsjier. It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting hjirop.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

Grafische Groep van der Eems Easterein

Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Jildstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân Easterein

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje Easterein

Posthuma Skilderbedriuw Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Int. Handels- & Transportbedrijf

Gebr. Vellinga B.V. Easterein

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels

Jan Hiemstra Frjentsjer

Installatiebedrijf De Jong Easterein

B. Sandstra Mesthandel en Transport Easterein

Autoschadeservice van Krimpen Easterein

Stifting Skoalleseize

FOOX | Bergsma Franeker B.V.

Mondzorg Harkema

Boubedriuw Bootsma B.V.

Jouke Huitema

Altac Coating Group

Sporthuis A.P. van der Feer

Bakkerij Molkwar

Bergsma Easterein

ECOstyle Group

WD-Sat

Rojo Steigerbouw

Libertas Technical Solutions

Wiersma Administratieve- en f

iscale dienstverlening

Maatskip Kuiper

Alfa Accountants en Adviseurs

Broekens

Wheagan

AB Vakwerk

Galema Chiropractie

Kamstra Steenhandel

Faber Fakwurk

5Online

Bloemsierkunst De Vlinder

Bakkerij Posthuma

Bouwbedrijf Dijkstra-Draaisma

Muta sport

Sportkafé & Sporthal de Greidhoeke

't Lyts begjin

Natuera-stipers

Juwelier Kramer

Murk's Slagerij

Stichting de Freulepartij

Sporthuis A.P. van der Feer

Restaurant Bergsma

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Poiesz

Klup fan 50

Klaas en Jeltje Pompstra

Durk en Siemy Douma

Eddy en Pep de Boer

Anny Sjaarda

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Hans en Dieuwke Kooistra

Tymen en Taliitha Dijkstra

Henk en Willy Bootsma

Anne Bakker Beheer B.V.

De Finansjele- en stipekommisje,

Jan Simon Jelsma, Hendrik Kuiper, Hendrik Okkema, Ids de Boer, René Rijpma en Tjeerd Dijkstra

Easterein

Frjentsjer

de Harkema

Turns

Nijlân

Drachten

Boalsert

de Jouwer

Easterein

Easterewâlde

Wommels

Swifferbant

Winsum

Wommels

Easterein

Ljouwert

Ealahuzen

Wommels

Snits

Snits

Hinnaard

Easterein

Wommels

Wommels

Wommels

Dokkum

Ljouwert

Easterein

Easterein

Frjentsjer

Wommels

Wommels

Boalsert

Easterein

Easterein

Boalsert

Easterein

Kûbaard

Easterein

Easterein

Easterein

Easterein

Wommels

Easterein

Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

En dan meie we wer los. It keatsseizoen 2022, oan it begjin fan it jier is it noch ûnseker hoe't it komt en oft we in komplette agenda draaie meie. Mar dan komt der yn maart goed nijs en binne alle corona-maatregels ferfallen. We meie wer mei syn allen. De keningspartij is de earste partij fan it jier en begjint mei in moaie list. Spitigernôch wurdt de stiperspartij yn moaie ôflast yn ferbân mei te min dielname. De Jong-Feintepartij wurdt foar de twadde kear organisearre op in sneon. We meitsje der foar de earste kear in Eastereiner keatswykein fan mei op freed in keatsklinik foar de jeugd, op sneon de JFP en op snein de Okkemapartij. Neffens ús in slagge wykein, mei seker ek noch wat ferbetterpunten.

Fierder slute we it jier ôf mei in mienskiplike slotdei, mei sawol in jeugdpartij as in senioarepartij. Tidens dizze dei wurde de kompetysjeprizen útrikt en ús priiswinners yn it sintsje setten. Dêrnei is it tiid foar in hearlike bbq. Neffens ús is it foar werhelling fetber om de slotdei mei syn allen te fieren.

Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden yn 2022, binne nei reservearrings en opnames út de reservearrings, mei in lyts posityf netto resultaat fan € 351 ôfsletten. Dit wylst der in negatyf resultaat fan -€ 2.640 begrutte wie. It ferskil komt omdat der mear jild ynkommen is en der minder kosten wiene as begrutte.

It resultaat kinne je opdiele yn organisaasje en wedstriden. Op de organisaasje is it resultaat € 3.378, dit komt benammen trochdat der minder kosten makke binne. De kosten foar it keatskamp wiene behoarlik minder as begrutte. Dit komt mei trochdat it keatskamp mar 1 dei wie. Fierder is der € 630 minder útjûn oan konsumpsjes foar frijwilligers yn it algemien. Ek binne de bestjoerskosten € 740 minder as begrutte. Dêrneist binne der mear ynkomsten west. Dit giet foaral om de Boeren PC, de koeke-aksje, de Rabo ClubSupport en as lêste ek mear sponsorjild as begrutte.

It resultaat op wedstriden is -€ 3.026. Der wie in bebrach fan -€ 3.841 begrutte. Yn fergeliking mei de begrutting is der mear sponsorjild ynkommen. Fierder binne ek de kosten sakke. Dit komt trochdat der in pear wedstriden net trochgien binne. It resultaat op de wedstriden is ûnder te ferdielen yn KNKB (-€ 830), federaasje (-€ 1.025) en leden (-€ 1.171).

De rekken fan 2022 wurdt op de foarjiersgearkomste op 29 maart presintearre yn 'e Skoalleseize.

Finansjele posysje en reservearrings*

Yn 2022 is der € 100 reservearre foar it lustrum fan it keatskamp (lykas oare jierren). De kosten fan

de stipersjûn binne út de reservearring helle en it restant is ôfboek. Fierder binne der ferieningsklean, karmasterpolo's en t-shirts foar de blokjerinners oanskaff. Ek it keatskamp hat de reservearring foar nije shirts brûkt. Fierder is der ekstra jild reservearre foar de Jong-Feintepartijen fan de kommende trije jier. Us stiper Juke Huitema makke standert mear sponsorjild oer foar dizze partij as begrutte. Spitigernôch is hy op 3 jannewaris 2023 ferstoarn. Om dit gat opfolje te kinnen, is der alfêst jild foar fêstsetten. It eigen fermogen oer 2022 is dêrmei wat mear wurden, fan € 27.193 nei € 27.505.

De balâns fan de reservearrings sjocht der dêrmei sa út:

- € 4.526 foar nije klean
- € 197 foar de omheining fan it pelotefjild
- € 400 foar it lustrum fan it keatskamp
- € 200 foar nije mjitlinten
- € 387 as startkapitaal foar de kombinaasje Keats-off/ Generale Frouljus PC (mei KF Wommels)
- € 500 as ympuls foar groei fan de jeugd
- € 3.000 foar de Jong-Feintepartij 2023, 2024 en 2025

** It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynfloedet.*

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearringen, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn de grafyk 'Untwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein' dêr't sûnt 2019 ek in boppegrins fan € 25.000 yn oanjûn is, is te sjen dat dizze 'grins' yntusken al trochbrutsen is. Mei troch ekstra sponsorjild en minder kosten is it net slagge om it eigen fermogen werom yn de rjochting fan dy grins te krijen. Der is dus noch hieltyd wol romte om ynvestearringen te dwaan, al moat de grins fansels net it doel wêze.

Stipers

Nei twa corona jierren is der wer in folsleine keats-aginda ferkeatst. We binne bliid dat al ús stipers wer tasein ha om ús te stypjen. Der is sels mear ynkommen as begrutte. Tige tank foar jimme stipe!

Begrutting 2023

Foar de begrutting fan 2023 is fierder breide op de realisasje fan 2022. Al moatte we wol rekken hâlde mei in hege enerzjyrekken fan de Skoalleseize. Dizze kosten binne ôfrûne jier ek trochbelêste oan de KF Easterein, mar we binne warskôge dat it foar 2023 noch heger útfalle sil. Sa as al earder sein, is ús stiper Jouke Huitema ferstoarn, hjitroch falt in behoarlik stipersbedrach fuort. De begrutting sil op 'e ledegearkomste yn maart yn 'e Skoalleseize fierder taljochte wurde.

Aksjes

Yn 2022 koene we wer in koeke-aksje organisearje. Meardere leden ha holpen om de koeken kwyt te reitsjen. Dizze aksje hat ús € 995 opsmitten. Spitigernôch wie de opbringst fan de broadsjes ferkeap by de Okkemapartij net goed ynskatten, dêr soe de muzyk (Jan Nota) fan betelle wurde. Troch de legere opbringst is der in ferlies draaid fan - € 390. Wol wiene we yn 2022 wer ynlotte foar de Poiesz-aksje en hat dit in bedrach fan € 928 opsmitten. Elkenien wer betanke foar jimme meiwurking om der in súkses fan te meitsjen.

De oare aksjes ha yn 2022 in bedrach fan € 1.277 opsmitten:

€ 534	Rabo Clubsupport
€ 56	GEKE
€ 73	Ferlotting Slotpartij
€ 458	Ferlotting Jong-Feintepartij
€ 156	Flessebonaksje Jumbo

De nije ponghâlder


Sa as lds al yn it ferslach fan 2022 skreaun, wie it syn earste en ek syn lêste jier as ponghâlder. Hy hat ús gelokkich yn 2022 noch wol holpen troch de boekhâlding by te hâlden, mar woe der graach mei ophâlde. Dan sitte je as bestjoer wol mei de hannen yn it hier. In nije foarsitter en in nije ponghâlder sykje, dat wurdt dreech. Mar stikem gie der by my al wat troch de holle. It soe ek wol in moaie útdaging wêze om it oer te nimmen. Wat miskien net elkenien wit, is dat ik yn it ferline de oplieding HEAO-BE dien ha. Spitigernôch ha ik it net ôfmakke, mar it jout wol oan dat der affiniteit is mei sifers. Nei der goed oer nei tocht te hawwen en oerlis thús, ha ik it baltsje opgoaid yn 'e gearkomste. Ik krige de opdracht mei om der noch goed oer nei te tinken, mar ik hie eins de kar al makke. It sil foar in protte minsken in ferrassing wêze, mar sûnt begjin 2023 bin ik de nije ponghâlder fan de KF Easterein.

En dan moatte je begjinne. Fansels is it wol spannend en moast der noch in soad barre om it boekjier 2022 op te meitsjen. Tegearre mei lds en noch mei help fan René, ha we de skouders der ûnder setten en sjoch hjir dan, it jierferslach. Ik tink dat it moai slagge is. De ôfrûne twa moanne ha ik al in soad leard en ik gean mei frisse moed fierder. Gelokkich kin ik altyd noch in berop dwaan op René en lds. Ik ha der sin oan!!

Oant sjen,

Romine Jelsma






Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	3.378
Wedstriden	-3.026
Totaal	351

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021	2022	
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028	2.958	
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.196	17.065	18.563	
Sparekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000	20.000	15.000	
Oerlennende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79	175	
Munten (SKS)																450	341	303	459	
Reservearings											1.300	3.900	6.796	10.896	11.996	12.093	10.593	12.281	9.611	
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.464	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484	23.330	27.260	27.194	27.545	
Resultaat	20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846	3.930	-66	351	
Boppegrens						25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000	25.000
Undergrins						10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000



Eksplottaasjerekken 2022

Saldy	31-12-2021	31-12-2022	Resultaat
Kas	2.028	2.958	931
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	17.065	18.563	1.498
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	20.000	15.000	-5.000
Munten SKS	303	459	156
Oerrinnende posten	79	175	97
Totaal	39.474	37.155	-2.319 (Bruto)

Baten	Rekken 2022
Ynkomsten partijen	2.634
Stipersjilden	14.483
Kontribúsje	6.618
Trainingen (seal/fjild)	717
Donateurs	948
Aksjes	5.222
Subsydzje Gemeente	0
Subsydzje Bydragen	0
Kreditrinte	5
Keatsclinics	0
Ferskaat	770
Totaal	31.395



Lêsten	Rekken 2022
Krânsen	2.637
Prizen	7.254
Organisaasjekosten wedstriden	6.696
Hier sporthal	212
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.384
Hier oare saken	0
Trainers	540
Ferieningskosten	6.110
Aksjes	2.412
Materiaal	811
Federaasje	100
K.N.K.B.	2.887
Totaal	31.043
Resultaat (Netto)	351
Reservearrings foar 2022	3.200
Opname út reservearrings	5.870
Resultaat Bruto	-2.319

Ferklearring kaskommisje 2022

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Romine Jelsma en Ids de Boer, de ponghâlders fan KF Easterein yn 2022, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn.

Hjirmei geane wy akkoart mei it finansjele ferslach oer it jier 2022 fan de Keatsferiening Easterein.

Easterein, maart 2023

De kaskommisje,

Vera de Vries & Hendrik Sweering



Keatskamp 2022: 'de Keats Olympics'

Op 1 maaie kaam Rikkert de Kikkert it Olympysk fjoer bringen by de Skoalleseize. Hy brocht it fjoer foar it Olympysk Keatskamp. 37 Bern striden foar de Olympyske titel. De kleuren fan de Olympyske sirkels fertsjintwurdigen de groepkes bern. Sa wiene der fiif groepkes mei elts harren eigen kleur switbân. Nei de iepening wie it tiid foar de groepsfoto's, dit kear twa. Ien 'gewoane' groepsfoto en in foto mei in drone, hjirop waarden de Olympyske ringen útbylde troch de groepkes.

37 Bern striden foar de Olympyske titel. De kleuren fan de Olympyske sirkels fertsjintwurdigen de groepkes bern. Sa wiene der fiif groepkes mei elts harren eigen kleur switbân. Nei de iepening wie it tiid foar de groepsfoto's, dit kear twa. Ien 'gewoane' groepsfoto en in foto mei in drone, hjirop waarden de Olympyske ringen útbylde troch de groepkes.

Doe giene we troch nei it earste spultsje, it ballon traapjen. Alle bern en lieding krigen in ballon om de foet, dizze moast sa lang mooglik om 'e foet bliuwe. Mei in soad fanatisme waarden de ballonnen stikken trape. Nei it ballon traapjen waard it tiid foar it echte wurk, de groepkes krigen training. De kabouters, de welpen en de pupillen/skoaljeugd. Kwartet, driuwbal,





estafette, tuskenspul, opslaan, útslaan, wy ha it alle-gear sjoen. Nei in koart skoff, mei wat ranja en in koekje, wie it tiid foar in koarte keatswedstriid. Yn trije kertier striden de bern om de measte earsten.

Om 13.00 oere wie it, lykas alle jierren útsein foarrich jier, tiid foar de pankoeken. In protte âlders ha yn it spier west om pankoeken te bakken foar de bern. Tige tank hjirfoar! Mei syn allen ha wy oan it picknicken west. Wy sieten op 'e grûn yn it sintsje te genietsjen fan in hapke en wat drinken. Sa no en dan wie der wat poeiersûker dat net hielendal op de pankoek kaam, mar 'per ûngelok' yn it hier fan de bern... Oeps!

De búkjes wiene wer fol, we koene der wer tsjin oan. It wie tiid foar de spultsjes. Troch it hiele doarp stiene

acht spultsjes klear. Sa ha we Olympysk blik goaid, Olympysk skippyballe en Olympysk koekehapt. De fiif teams striden om de measte punten.

Rûn in oere as trije kamen we allegearre werom op it keatsfjild. It wie o sa spannend, wa soe de medaljes binnen slepe? Dit wie team blau, se krigen de grutte keatskamp wikselbeker mei spekjes en in leuke Rikkert de Kikkert kaaihinger. Nei de priisútrikking hat Rikkert symboalysk it Olympysk fjoer út dien.

It wie in tige slagge dei en we ha sin oan takom jier, it 10e KEATSKAMP!

Oant takom jier!



Jong Famme Partij 2022 – Troch Corrie, Jeska en Roelie

Freed rûn 18.00 oere giene we mei ús trijen út iten by Pata Negra yn Snits. Even in útstapke foarôf om alle spanningen derôf te iten. Lekkere lytse hapkes en oan de fris, want ja de oare deis moasten we wer fit wêze. We ha der hiel gesellich sitten, hiel wat lake, ús fingers en hannen brând oan de pantsjes mar we ha it oerlibbe. We soene it net al te let meitsje mar foardat we it wisten wie it samar 22.30 oere. En we moasten fansels de oare deis wer betiid by ús coach op de stoepe stean.



Om 8.15 oere sammelje by Hendrik Sweering (ús coach) foar ús jierliks bakje kofje/tee. Nei in gesellich petear, wat foaral net oer it keatsen gie mar oer fan alles en noch wat, giene we kertier foar njoggenen dy kant út yn Hendrik syn skeurbakje. Oankommen yn Mantgum krigen we gelyk te hearren dat der in protte fan ús ferwachte waard dizze dei, in moaie binnenkommer wylst je noch net ien bal slein ha. Foardat we nei de klaaiekeamers giene, hiene we in weddenskip makke, as we it hjoed winne soene, dan springe we nei de tiid de sleat yn (wurdt ferfolge).

De earste omloop moasten we gelyk op skerp, Dronryp wie de tsjinstanner. We begûnen de partij sterk en fielden dat we de wedstriid nei ús ta lutsen. Doe't de spanning der ien kear ôf wie, stiene we lekker frij-út te keatsen en wûnen dizze partij mei 5-2:6-2. Op nei de twadde omloop.

Yn de twadde omloop moasten we tsjin it partoer fan Mantgum. Op papier moasten wy sûnder problemen dizze omloop trochkomme kinne. Allinnich gie dit yn it fjild hiel oars, de earste buordsjes makken we it

ússels hiel dreech. Nei wat gepruts wisten we ússels te werpakken en wisten ek gau in ein te meitsjen oan dizze partij, ek 5-2:6-2.

De tredde omloop (heale finale), ja ... wy hiene it gelok net mei en bleaune net in kear stean, mar dat makke ús net minder. Grins wie de tsjinstanner. Dizze tsjinstanner koe it ús hjoed noch wolris lestich meitsje, se wiene dan noch wol mei harren beiden mar stiene de hiele dei goed te keatsen. Yn de earste omloop hiene sy fan ús konkurrint wûn. En sa kamen wy harren tsjin yn de tredde omloop. De earste buordsjes giene oant 3-3 aardich gelyk op. En je witte wat se sizze, wa't it 7e earst pakt wint faak de partij. Nei 3-3 ha se gjin buordsje mear hân en wûnen we de partij mei 5-3:6-2.

DE FINALE, tsjin Goaiingea. Earst efkes sjonge, dat koene wy wol út 'e holle en we songen dan ek út folle boarst mei. De finale begûn foutleas, 3-0 foar en it like wat in iensidige finale te wurden. Goaiingea kaam noch werom oant 3-2 mar dêrnei lutsen wy de partij wer nei ús ta. Troch in 'vliegende' sitbal op 4-2:6-6



hiene we de 5 buordsjes oan de tillegraaf hingjen. Tichtby ... mar de wedstriid krige in oare draai doe't Corrie blessearre rekke oan har rêch. De partij lei doe efkes stil. Roelie en Jeska moasten de partij tegearre ferfolgje, lokkich wie dat mar 1 slach. We stiene op dat momint 5-2 foar en 4-6 efter yn it earst. We pakten de keats en stiene sa op 'matchpoint'. Spilfigernôch, troch in boppeslach fan Goaiingea, waard it 5-3.

Op 5-3:6-4 miste Goaiingea it perk en hiene wy de OERWINNING binnen. En dat betsjutte dat we nei de priisúttrikking it wetter yn moasten. Earst sûnder coach, dêrnei mei coach. Hendrik tocht dat hy alles út syn

broeksbusen helle hie mar dat wie net sa. Hy wie de beurs ferjitten ... oepsy!

Earst in feestje ûnder de dûs, dêrnei in lekker kâld bierke yn Mantgum en wat snacks foardat we wer werom giene nei Easterein. It persoaniel fan Okkema hie foar ús in grutte karre klear stean mei pakjes strie wêrmei't we troch it doarp giene. Wat stiene der in soad minsken foar ús lâns de dyk om ús ta te jubeljen, wat in moai gesicht. Nei hiel wat rûntsjes troch it doarp wie it no tiid foar hiel wat rûntsjes (bier en wyn) op it terras fan Bergsma. Hjir ha we noch in hiele gesellige jûn hân en ha we de oerwinning goed fierd.

1000 LEZERSWAARDER COOKART maandag 4 july 2022

maandag 4 july 2022 1000 LEZERSWAARDER COOKART

sport 9

KF Easterein boekte zaterdag in Mantgum een historische zege: niet eerder won de kaatsvereniging de Jong Famme-partij. Op de negentiende editie maakten Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra de favorietenrol waar.

Historische zege Easterein op Jong Famme

1000 20002022

Hier bevindt de sportieve winnares niet alle keren, en opeens was de winnares te zien op de negentiende editie van de Jong Famme-partij, een wedstrijd die jaarlijks wordt gehouden in Mantgum. De drie deelnemers, Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra, maakten de favorietenrol van de jong Famme-partij, die jaarlijks wordt gehouden in Mantgum, op zaterdag 2 juli.

Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra, die de drie deelnemers zijn, hebben de wedstrijd op zaterdag 2 juli gewonnen. Ze hebben de wedstrijd op zaterdag 2 juli gewonnen.

In dit artikel wordt beschreven hoe de drie deelnemers de wedstrijd hebben gewonnen. Ze hebben de wedstrijd op zaterdag 2 juli gewonnen.

66 KANSHAWWER WÊZE EN DY RDL WIER MEITSJE, DAT BINNE TWA FERSKILLEENDE SAKEN

De drie deelnemers, Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra, maakten de favorietenrol van de jong Famme-partij, die jaarlijks wordt gehouden in Mantgum, op zaterdag 2 juli. Ze hebben de wedstrijd op zaterdag 2 juli gewonnen.

De wedstrijd op zaterdag 2 juli was een succesvolle dag voor de drie deelnemers. Ze hebben de wedstrijd op zaterdag 2 juli gewonnen.

Frouljus PC – Troch de eagen fan Jeska Terpstra

Hoe moat it no? Dy fraach gie in soad troch ús holle, doe't yn de earste syklus Lotte Del Grosso út foel mei in skouderblessuere en even letter yn de twadde syklus ús nije maat Sandra Hofstra dy't wer in knibbelblessuere oprûn. En doe sieten we ynienen wer sûnder in 3e maat. Alle wiken wer besykje ien te regeljen dy't ús út de brân helpe woe. En hoe moat it no mei de PC? De moed sakke ús wat yn 'e skuon nei't we al mearde froulju frege/belle hiene en gjinien dy't mei ús mei woe nei de PC. Mar doe krigen we it ferlossende telefoantsje fan Margriet Bakker dat se der goed oer nei tocht hie en ús wol út de brân helpe woe omdat we al sa'n soad pech hân ha dit seizoen. Wat in ferromming, no koene we mei in gerêst gefoel alle wykeinen nei de PC ta wurkje. Yn Wommels, op de generale, ha we in moaie 3e priis pakt, dat liket goed foar de PC. Wannear't wy gewoan ús ding dogge, dan kinne we in hiel ein komme. Fansels wie it ek belangryk hoe't de lotting foar ús útpakke soe.

Moandaitemiddei rûn fjouweren begûn foar ús de taryeding al yn Ljouwert. Wy binne mei ús trijen (Margriet Bakker, Annet de Haan en ik) yn in Greenjoy boatsje stapt en ha sa hiel Ljouwert ferkend fan it wetter ôf.

Nei sa'n 1,5 oere moasten we wer werom want ús tiid siet derop al hiene wy de hiele dei noch wol op it wetter wêze wollen. No hiene we al reservearre by Felini om in lekkere pasta nei binnen te wurkjen. En dêrnei op nei Weidum foar de lotting. Wy mochten as ien nei lêste ús lotsje lûke dus foar ús wie al hiel gau bekend dat wy leaver lotsje 4 ha woene as lotsje 8. Nûmer 4 soe betsjutte dat we én gelyk los moasten én dat we net by 1 fan de favoriten yn it blokje sitte soene.

Gelyk los, klokslach 11 oere stiene wy op it fjild om de earste bal boppe te slaan ;). Dit rûn allinnich al wat oars

as we tocht hiene. We krigen as partoer mar net de goeie slach te pakken en kamen net lekker yn de partij. It wie dreech, we makken it ússels dreech. Elk earst wer 6-6 of 6-4 keatse. Opslach fuort jaan oan Margriet, want sels sloech ik gjin bal yn. Fanút it perk waarden der alle kearen lytse keatsen slein of ûnnedich ballen mist. Uteinlik wisten we de partij mei muoite te winnen. Dit moast oars want as we sa troch gean soene, soene we de twadde omloop mei 5-0 nei hús stjoerd wurde. Mar de bal is rûn en it is in nije omloop dus alle kânsen om wer it bêste út dysels te heljen.

Troch nei de twadde omloop. Wy wisten dat der hiel wat barre moast om fan it sterke partoer fan Anna-Brecht Bruinsma te winnen. Wy startten goed en kamen al reedlik gau op in foarsprong. Wy wiene goed oaninoar weage, allinnich foel it krekt op de mominten



dat we der stean moasten ús kant op. Wy makken net mear in soad flaters en sloegen sterk fan ús ôf yn it perk. Uteinliks wisten we oan it langste ein te lûken en hiene we in plakje bemachtige yn de heale finale.

De heale finale. It wie waarm dizze dei, hiel waarm. In soad binnen omhingje, goed ite en in hiel soad drinke, ek al tochten je dat je genôch dronken hiene, it wie noait genôch. Dit seachst ek wol werom op it

keatsfjild sels, de enerzjy level lei leger as op in oare keatsdei. Hjir hiene wy in soad lêst fan yn de heale finale. Wy koene net mear sjen litte wat we 'normaal' kinne en hjitroch koene wy ek gjin tsjinstân biede oan de lettere winners fan de PC. Wy moasten tefreden wêze mei in moaie 3e priis.

En fansels ha we der nei de tiid noch in gesellich feestje fan makke.



NK 50+ – Troch Roel Sijbesma

Doe wie it safier, sneon 9 july 2022, it NK foar de 50+. Der wiene in stik of 8 kandidaten dy't der hinne koene, dus waard der besletten om mei twa partoeren nei Tsjom te gean. Foar partoer 1 keatsten Simon Kingma, Tjeerd Dijkstra en Roel Sijbesma. Sipke Hiemstra, Jan Vellinga en Tjerk Okkema keatsten foar Easterein 2.

Partoer 2 moast yn de earste omloop tsjin it ûnbekinde Eanjum, se begûnen goed en stiene yn in sucht en in skeet samar mei 6-2 foar yn it earste earst mar rekken dit dochs noch kwyt. Der bruts wat by de keatsers, se koene dizze tsjinslach net goed te boppe komme en ferlearen de partij mei 5-0.

Partoer 1 begûn tsjin Harns, we tochten dit sil wol wat gelyk opgean mar dat foel ôf, we wûnen mei 5-0. Doe tsjin Baard dêr't âld haadklasse keatser Thomas v.d. Meer mei die en ús alris in kear op in ôfdielingswedstriid fan de list ôfslein hie. Dêr hiene we fan leard en mei in oare taktik fersloegen we se no mei 5-2.

Dêrnei waard Seisbierrum mei 5-2 nei hús stjoerd. We stiene yn de finale.

Troch it ferslach op Omrop Fryslân wiene der in protte supporters út Easterein nei Tsjom kommen om de finale tsjin St. Jabik te sjen. Wy wiene mei de holle yn de wolken, want in twadde plak op in NK wie noch net sa faak bard.

De keatsers út St. Jabik wiene deeglik en holden ús goed ûnder druk, dêrtroch makken wy hieltyd mear flaters, we moasten tefreden wêze mei de twadde priis. Al mei al in moaie dei mei in super resultaat!

PC Frjentsjer, 2022 – Troch Bauke Dijkstra

De krúddampen fan de striid op it Sjúkelân op de 5e woansdei fan july wiene noch mar krekt oplutsen en doe hie ik al in felisitaasje binnen fan Klaas de Jager. 'Lokwinske Bauke, mei dyn 3e priis', tankjewol Klaas, sei ik. 'Oh ja, en no't ik dy dochs oan 'e line ha, soest it ek leuk fine om in stikje te skriuwen foar yn de doarpskrite?' Fansels Klaas, gean ik mei oan de slach. Foar wannear moast it binnen ha? 'Foar woansdei 24 augustus as it kin'. Fandêr dat ik no yn it sintsje op in camping yn Limburch sit mei de laptop op tafel, in pilske yn de lofferhân en de mûs yn 'e rjochter. Want ja, it is al tiisdei 23 augustus... Mar it komt goed Klaas! By dizze!

Mei de legindaryske wurden 'It giet oan!' fan Henk Kroes as foarbyld, iepenet de hjoeddeistige foarsitter fan de PC, Ids Hellinga, de keatsdei mei de wurden: 'De dei is uzes!' Elts jier op de 5e woansdei fan july komt foar it bestjoer fan de PC alles byinoar. Jûnen lang fergaderje, wiken lange fergunningstrajekten, moannen fan tarieding en wit hoefolle parsemominuten. En dan is it einliks wer safier op woansdei 3 augustus 2022. Nei in oantal nuvere jierren troch ien of oar Mexicaans biermerk kin de PC-dei no einliks wer yn al syn gloarje losbarste! Hjir dogge se it mei syn allen foar as organisaasje. It keatspublyk, it hoarekapublyk en ek de keatsers binne der mear as klear foar. Dit is de moaiste dei fan it jier!

It is omdat ik it sels skreaun ha, oars hie ik boppesteande wurden sels net leaud. Yn elts gefal net oant ôfrûne jier. 8 Kear ha ik as keatser de arena op it Sjúkelân betrede mochten en yn de earste 7 jier bin ik nea fierder kommen as de earste omloop. It lot foar my en myn maten waard dêrby faak al besegele yn de Koornbeurs yn Frjentsjer op de moandetejûn foar de PC wêrop't de lotting altyd plak fynt. Fan de 7 kear moasten wy yn de earste omloop 5 kear útkomme tsjin de úteinlike winner. De oare 2 kear kamen wy út tsjin de partoeren dy't úteinlik ek de finale hellen mar krekt in treedsje leger op it poadium stiene. Wy kinne dus wol stelle dat wy in protte keatsers oan in priis holpen ha op de PC, spiti-gernôch gie dat altyd ten koste fan ússels. Der stean dus ek mear fuotstappen fan my op it hoarekaplein op de Foarstreek, dan dat der op it Sjúkelân stean. Al mocht ik dêr ek graach wêze.

Mar dit jier soe it allegear oars gean. Wêr't ik it lûken fan it lotsje oars altyd útbestege oan ien fan myn maten, woe ik it dit jier sels wolris besykje. Ik hie úteinlik neat te ferliezen en efternei tink ik, hie ik dat mar 8 jier earder dien. Ik luts it geloksnûmerke 13 en wy kamen úteinlik ûnderoan yn 'e list yn in blokje mei 4 lykwear-dige partoeren. Kânsen dus! Al sille dy oare 3 partoeren yn dat blokje dy finzen ek hân ha, der moat dus noch wol efkes foar keatst wurde. Mar ik stapte mei in hiel oar gefoel it fjild op as yn de foargeande jierren. Soe dit dan myn kâns op in priis wêze?

Tegearre mei myn maten Remmelt Bouma en Evert Pieter Tolsma mochten wy it yn de earste omloop opnimme tsjin Gerrit-Jan Duiven, Hendrik-Jan van der Velde en Riemer Hoekstra. It wie noch efkes de fraach oft ús opslagger Remmelt Bouma wol meidwaan koe op de PC yn ferbân mei in blessuere mar hy wie krekt optiid fit. Oant dy tiid ha wy gelokkich in berop dwaan kinnen op Jelte-Pieter Dijkstra, dy't ek sûnder muoite noch mei dwaan koe op dit nivo. Mar Remmelt wie fit en hy wie goed. Neidat wy it earste buordsje efter kamen rûnen wy dêrnei frij maklik troch de earste omloop hinne. Sawol oan de opslach as yn it perk wiene wy de bettere partij en op in stân fan 5-1 en 6-4 waard de partij yn ús foardiel beslikke. Wy hiene de earste hindernis hân en hoe't de dei fierder ek ferrinne soe, foar my wie dit no al de meast súksesfolle PC oant no ta.



Nei de earste omloop kamen de earste appkes en tillefoantsjes al binnen fanôf de Foarstreek. 'Wêr bist?' En 'Dyn bierke wurdt kâld!' Freonen wiene yn 'e war want dit jier wie alles oars. Se namen noch gau in pear slokken en ik wie bliid dat ik ek yn 'e twadde omloop wer op harren stipe rekkenje koe. It partoer fan ús adoptearre Eastereiner Auke Boomsma, mei syn maten Hessel Postma en Tsjerk Elsinga, stie op ús te wachtsjen. It wie waarm en krekt foar de partij krige Auke wat lêst fan in soarte fan migrêne oanfal. Spitich natuerlik foar Auke en syn partoer mar foar ús absolút gjin reden om ús yn te hâlden. Fan it begjin ôf stiene wy sawol op as út wer goed te keatsen en kamen wy samar mei 5-1 foar.



Auke werstelde geandewei de partij wer in bytsje en sy giene better keatsen. Nei harren Houdini act yn de earste omloop, kamen sy ek no wer werom yn de partij. Mar dit wie ús jier en ús kâns, dus wy kamen noch ien kear by-inoar en praten ôf de skouders derûnder te setten. Dizze partij moast sa gau as mooglik út wêze, en dat slagge. Mei in bûtenslach op 5-3:6-4 wie de partij dien. Wy wiene dus al wis fan de tredde omloop en dêrmei ek fan de tredde priis. Ús dei koe al net mear stikken.

Undertusken wie de dei al moai fier hinne. Omropper Johannes van der Ploeg wie de stim al kwyt, it korps hie de trompet al fol mei swit, it earste publyk op de tribune wie oan beide kanten gear en by de earste feestgongers koene jo de 'klinkers' al net mear fan de 'medeklinkers' ûnderskiede. Mar wy wiene der noch altyd oan. Wy mochten it harnas noch in kear oanlûke om yn de tredde omloop te striden tsjin ien fan de te kloppen partoeren: Tjisse Steenstra, Rinze Pieter Hiemstra en Hans Wassenaar. Op papier wie dat partoer de favoryt en sy kamen ek mar mei ien doel, it winnen fan de earste priis. Wy woene natuerlik graach stunte troch fan dit partoer te winnen, mar dit slagge spifigernôch net. Sawol oan de opslach as yn it perk hiene wy eins neat yn te bringen en wy kamen al frij gau ta de konklúsje dat dit der net yn siet. Op sa'n momint moatte jo ek realistysk wêze. Op 1-5 en 2-6 waarden wy betanke foar ús ynset en koene wy

rjochting klaaikeamer. Mar wol mei de tredde priis yn 'e bûse, dy soene sy ús net mear ôfpakke.

Uteinlik soe it partoer fan kening Tjisse Steenstra de PC, nei in tige spannende finale, ek winne. It partoer fan Marten Bergsma waard 2e en tegearre mei it partoer fan Gert-Anne van der Bos mochten wy rûn 19.30 oere rjochting it koepeltsje om de 3e priis yn ûntfangst te nimmen. 27 Jier lang, elts simmerwykein fuort te keatsen om hjir in kear foar de koepel te stean. Geweldig! En dat bier dat om 11.00 oere al foar ús klear stie, dat stie der om 20.30 oere gelokkich ek noch.

Tige tank foar al jim stipe, foar de tiid en jim felisitasjes dêrnei. **De dei wie uzes! Einliks in kear!**





Sneon 9 july 2022: de 17e Jong-Feintepartij

Eksmoarre 1, mei de keatsers Christiaan Stremmer, Gerben de Boer en Pieter Jan Leijenaar, wint de 17e edysje fan de Jong-Feintepartij yn Easterein! Foar it publyk in moaie en spannende finale om nei te sjen mei alles oan 'e hang. Mar úteinlik luts Dronryp 1, mei de keatsers Mark Minnesma, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma, oan it koartste ein. Sy sloegen de lêste bal spifigernôch bûten.

Op dizze 17e edysje waard der keatst mei in totale prizepot fan wol € 4.000,=. Hiel wat om foar te striden, as de eare al net genôch wêze soe. Op 'e list stiene mar leafst 31 partoeren fan 27 ferskillende ferienings, in nij rekôr! Debutearjende ferienings wiene Bitgum 2, Hantum en Eksmoarre 2. It wie goed keatswaar kwa temperatuer, mar de wyn stie strak op it fjild. Dat soarge foar hurd wurkjen by de opslach en tikje by de útslach. In dikke plom wer foar alle karmasters en oare frijwilligers dy't hjoed de hiele dei yn it spier wiene.

Eigen wedstriden wurde al oan 'e kant setten om te helpen en âld Jong-Feinte keatsers fine it paad nei de keatsferiening as karmaster, grutte klasse!

Eksmoarre 1 treft Bitgum 2 yn de earste omloop en wint dit ienfâldich mei 5-0:6-4. Frjentsjer moat dêrnei belies jaan op 5-1:6-6. Noch mar 1 earst tsjin yn twa omlopen, mar dan moat Eksmoarre 1 tsjin Winsum oan 'e bak, pas op 5-5:6-4 wurdt de partij útmakke mei in triktrak. Yn de heale finale wurdt Wytmarsum mei in tredde priis nei hús stjoerd op 5-3:6-4. De finale is in feit.





Dronryp 1 keatst de earste omliep tsjin Goutum en wint dit mei 5-2:6-2. Yn de twadde omliep treffe se Moarre-Ljussens, dit is in spannende pot en einiget op 5-4:6-6. Dêrnei wurdt Baard ferslein mei 5-2:6-4. Yn de heale finale tsjin Ingelum, lykje se der frij maklik trochhinne te rinnen, mar Ingelum jout net op en komt werom oant 5 earsten gelyk. Op 6-4 slacht Dronryp 1 dan dochs boppe en pleatst Dronryp 1 har foar de finale.

De partoeren binne oaninoar weage en it publyk giet der yn mei. Moaie triktrakjes, boppeslaggen en sitballen wurde oan alle kanten ta bejubele. As de mannen ûnderinoar dan ek noch wat begjinne te praten, wurdt de spanning oan alle kanten opboud. Lit ús wol soargje dat it sportyf bliuwt... De partoeren pakke om en om in earst oant 3-4:6-6. In belangryk earst; wurdt it 4 earsten gelyk of in foarsprong fan 3-5? Dronryp

kin de keats net foarby slaan en it gatsje is slein troch Eksmoarre 1. Mar in keatsdoarp as Dronryp lit it hjir net by sitte en sy slaan harren werom oant 5-5. Eksmoarre ferlear foarrich jier de finale mei alles oan 'e hang en wol dit net wer, mar it bart al, wer alles oan 'e hang. Dronryp slacht de bal bûten, dêrnei hat Eksmoarre har revâns en wint de Jong-Feintepartij fan 2022!

PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2022

1. **Eksmoarre 1** (Christiaan Stremmer, Gerben de Boer en Pieter Jan Leijenaar)
2. **Dronryp 1** (Mark Minnesma, Jorn Lars van Beem en Rick Minnesma)
3. **Ingelum** (Menno Osinga, Remco Osinga en Jurrit Osinga)
3. **Wylmarsum** (Jari Visser, Redmer Zaagemans en Colin Baarda)



Wedstriidferslaggen

LEDE- EN FEDERAASJEPARTIJEN

27-04-2022: Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

Nei 3 jier, lang om let wer de Keningsdeipartij! Dit sil grif stramme spieren opleverje; sûnder mar 1 bal slein te hawwen gie elts der folslein foar en wie it in gesellige keatserij.

Hjirûnder de priiswinners:

A/B klasse manlju

1e priis: Bote Jellema
Sipke Hiemstra
Jan Simon Jelsma

2e priis: Doede Rients Okkema
Ids de Boer
Abe Jan Stegenga

Ferliezersronde

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda
Jan Vellinga
Sander Velzen

C klasse manlju

1e priis: Geert Dijkstra
Jan Bouke Bouma
Tom Couperus

2e priis: Gep Bakker
Geert Couperus
Hendrik Okkema

Froulju

1e priis: Marije Schurer
Jacqueline Buma
Petra Jellema

2e priis: Martina Kooistra
Mirjam Punter
Brecht Stegenga

08-05-2022: Ledepartij

Alwer de 2e ledepartij fan dit seizoen. Under hearlike waarsomstannigheden waard der fûleindich keatst. De manlju keatsten yn it saneamde 'Sneker systeem' en de froulju keatsten yn in poule. De manlju makken der in spannende lêste omloop fan; 3 partoeren wiene noch folop yn de race om de krânsen. Uteinlik giene de prizen nei de 2 partoeren dy't alle 3 wedstriden wûn hiene. Mei in ferskil fan 2 tsjin-earsten (8 om 10) wiene de hagen foar Bote, Tjeerd en Tom.

By de froulju in wat minder spannende striid, mar net minder gesellich! De krânsen giene nei Marije en Karin.



Manlju

1e priis: Bote Jellema
Tjeerd Dijkstra
Tom Couperus

2e priis: Johannes Hazenberg
Sipke Hiemstra
Tjerk Okkema

Froulju

1e priis: Marije Schurer
Karin Sjaarda

18-05-2022: Ledepartij jongerein

Op woansdei 18 maaie wie it safter, de earste ledepartijfan 2022 foar de jongerein. Der stiene 14 kabouters, 8 welpen, 2 pupillen en 7 skoaljonges en -famkes op 'e list. It wie moai waar, en der waard goed keatst. Omdat der net safolle pupillen en skoaljeugd op 'e list stiene, keatsten sy mei-inoar, mar dat gie sa moai as wat!

Dit binne de priiswinners.

Kabouters

1e priis: Sven Sijbesma en Folkert Joustra
2e priis: Hielke Tuinstra, Stijn Kuiper en Iris Bosgra
3e priis: Harmen Joustra en Djurre Faber

Welpen

1e priis: Fenne Sijbesma en Marrit van der Weij
2e priis: Jildau Jellema en Jelke Sijbesma

Pupillen/Skoaljeugd

1e priis: Brecht Stegenga en Geertsje van der Weide
2e priis: Fianne Dijkstra en Pieter Age van der Weide

05-06-2022: Pearkekeatsen

Tradisjoneel op 1e pinksterdei it pearkekeatsen. Der waard keatst yn 3 klassen: A en B klasse yn it sa-neamde 'Sneker systeem' en de C klasse yn in poule mei spitigernôch mar 3 partoeren.

Yn de A klasse mar leafst 4 partoeren dy't nei 3 omlopen 17 foar-earsten hiene! Dus de rekkenkeamer moast der wol efkes oan te pas komme, hielendal omdat der ek noch 2 partoeren wiene mei itselde oantal tsjin-earsten. Nei it tellen fan de foar-punten yn de lêste earsten kaam der, mei mar 2 punten ferskil, in 2e priiswinner út 'e bûse rôljen: Tessa en Julian. De hagen wiene foar Judy en Hendrik.

De B klasse waard in proai foar Dieuwke en Hans. As iennichste partoer wisten sy alle 3 wedstriden te winnen. De 2e priis wie foar Vera en Harm-Auke. Petra en Mebius giene der mei de krânsen fan troch yn de C klasse; sy wisten beide partijen te winnen.

A klasse

1e priis: Judy Bergsma en Hendrik Sweering
(17 foar - 9 tsjin)
2e priis: Tessa Westra en Julian Faber
(17 foar - 12 tsjin)

B klasse

1e priis: Dieuwke Kooistra en Hans Kooistra
(21 foar - 10 tsjin)
2e priis: Vera de Vries en Harm-Auke Dijkstra
(19 foar - 14 tsjin)

C klasse

1e priis: Petra Jellema en Mebius de Boer
(14 foar - 5 tsjin)



17-06-2022: Ledepartij jongerein

Bliksem piebe, as de waarsfoarsizzings úkomme kin it freed wol 28°C wurde! Gelokkich falt it ta, mei sa'n 24°C en in lekker wyntsje kinne de kabouters en welpen om 15.00 oere los. Amers wetter by it perk soargje foar ferkuolling. Mar ek foar de nedige ôflieding by de kabouters... 😊

By de kabouters binne der trije 2-talstsjes, dus 2x keatse mei dit waarme waar is mear as genôch. Hielke en Wout winne beide partijen en ha de krânse.



De 4 welpen keatse 3 ferskillende listen. 3 Froulju ha 2x wûn, wêrfan 2 mei de minste én itselde oantal tsjin-earsten. De punten moasten de trochslach jaan en dat wie yn it foardiel fan Femke. Jildau hat de 2e priis wûn.

Alle bern ha nei ôfrin in foam wetterspuiters fertsjinne.



By de skoljeugd wiene de krânsen foar Tryntsje, Tijtske en Sander.

01-07-2022: Federaasjemiddei jongerein

Freed 1 july wie KF Easterein oan bar: de federaasje partij foar de jeugd stie op it programma! Dit frege foarôf noch in hiele organisaasje, want alle welpen oant en mei de junioaren mochten harren opjaan. Úteins ha 115 bern dit dien en dêrmei wiene alle fjilden drok beset. Sân fjilden, hjirtroch moasten we noch 13 ekstra tillegrafren, 20 propfen en 10 pear

keatsblokjes, boppe ús eigen materiaal, liene. It is dúdlik, folop keatsen yn Easterein: sa sjogge we it graach!

Welpen famkes

Mei in moaie list fan 10 partoeren koene we om 16.15 oere los. Mei sinne en in lekkere wyn waard der omraak keatst. Troch 1 ôfmelding hat Sven Sijbesma (Eastereiner kabouter) dat gatsje mei befeinens opfolle. Dit binne de priiswinners:

- 1e priis: Fenne Sijbesma, Easterein
Wietske Poelsma, Reahûs
- 2e priis: Famke Rijpma, Boazum
Marin Grondsma, Hommerts
- 1e priis ferl.: Liv Koops, Makkum
Emma Hornstra, Balk
- 2e priis ferl.: Froukje Patricia Blanke, Boalsert
Berber Sijbesma, Easterein



Op de foto ûntbrekt Froukje Patricia Blanke.

Welpen jonges

By de welpen jonges wie de striid betiden grut. De jonges kinne al in moai baltsje slaan en foaral de opslach is hiel belangryk. Mei in moaie list fan 9 partoeren gie it der betiden omwei. Sa fûl...

Dit binne de priiswinners:

- 1e priis: Jurjen Visser, Makkum
Arjen van der Meer, Mantgum



- 2e priis: Thymen van der Meer, Skearnegoutum
Melle Terpstra, Wommels
- 3e priis: Brent van der Wal, Raerd
Atze Smid, Jorwert
- 1e priis ferl.: Age Oane de Vries, Turns
Edsert Bouma, Skearnegoutum
- 2e priis ferl.: Dirk Regeling, Winsum
Johan de Jong, Lytsewierrum

Pupillen jonges

Hjir waard mar omraak keatst. De ferskillen ûnderling wiene somtiden al wat grut, mar de jonges ha der in sportive dei fan makke, al wie der sa no en dan al wat striid want elkenien wol fansels winne. Dit binne de priiswinners:

- 1e priis: Tseard Witteveen, Reahûs
Schelte Boonstra, Spannum
- 2e priis: Jurre Duizendstra, Raerd
Melle van der Werf, Skearnegoutum
- 1e priis ferl.: Piet de Jong, Lytsewierum
Steyn Wijbenga, Boalsert
- 2e priis ferl.: Jetse Visser, Makkum
Evan de Jong, Wommels



Pupillen famkes

By de pupillen jonges wiene de partijen foaral ien-sidich, mar by de pupillen famkes wie dit oars. Ilse Lanting en Ilse Amels keatsten op en út hiel stabyl. Sy wûnen dêrmei dan ek de krânse. Ferrassender wie



de twadde priis foar Lyset Westra en ús Sanne Frouk Dijkstra. Se stiene 5-1 efter, mar troch it sterke keatsen en trochsetten koene se dochs winne mei 5-5:6-2.

- 1e priis: Ilse Amels, Makkum
Ilse Lanting, Skearnegoutum
- 2e priis: Lyset Westra, Boalsert
Sanne Frouk Dijkstra, Easterein

Skoalfamkes

By de skoaljeugd wiene der mear spannende partijen. Sa seagen de skoalfammen yn de finale faak 6-6 ûnderoan de tillegraaf hingjen. Fierder foel de goeie positive sfear op yn it fjild, mar ek dat se sa earlik as goud spilen. Dit binne de priiswinners:

- 1e priis: Brecht Stegenga, Easterein
Sibrig Tigchelaar, Winaam
- 2e priis: Brecht Grovenstein, Winsum
Minke Lys Leenstra, Gau
- 3e priis: Marit van der Meer, Skearnegoutum
Jildou Twijnstra, Gau
- 1e priis ferl.: Minke Tjalsma, Boalsert
Stientje Geertsma, Mantgum



Skoaljonges

- 1e priis: Jelmar de Vries, Winsum
Ate Baarda, Britswert
- 2e priis: Sander Velzen, Easterein
Hessel Abels, Itens



De jonges, fammen en junioaren keatsten yn ien fjild. Ek fanatyk, mar sichtber mei wille en sportyf. Dêr't it fammepartoer fan Inez de Jong en Inez Bosch yn de earste omloop noch efter stie, wisten se dy partij dochs te winnen mei 5-5:6-6. Oan de ein fan de dei krigen se sels de krânse om de nekke!

Famkes

- 1e priis: Inez de Jong, Lytsewierrum
Inez Bosch, Arum
- 2e priis: Liset Sijbesma, Easterein
Martsen van der Goot, Goaiïngea



Jonges

- 1e priis: Matthys Renema, Heech
Hessel Jonker, Mantgum

Junioaren

- 1e priis: Matthijs Beuckens, Nijlân
Eeltsje Bootsma, Wommels

10-07-2022: Leanbedriuw Okkema partij

Mei moai waar waard hjoed de Okkema partij ferkeatst. Understeande minsken giene der mei de prizen fan troch.

Froulju

- 1e priis: Hilda Tjepkema, Judy Bergsma en
Idske Zijlstra
- 2e priis: Wiepkje Sijbesma-Hiemstra,
Martine Tiemersma en Marije Schurer
- 3e priis: Shirley Beets, Tessa Booms en
Rejan Okkema



Ferliezers

- 1e priis: Nynke Schipper, Aadtsje Kroes en
Marije Jonker
- 2e priis: Martina Kooistra, Jildou Couperus
en Richt Fokkens





A klasse manlju

- 1e priis: Bote Jellema, Jouke Dotinga en Raymon Cuperus
- 2e priis: Timen van Gelderen, Joop Hoekstra en Wybren Jorritsma
- 3e priis: Gert-Jan Hiemstra, Jan Schurer en Robert Sijbesma

Ferliezers

- 1e priis: Jan Flapper, Hylke Flapper en Doede Rients Okkema
- 2e priis: Egbert Bootsma, Jan Peter Bootsma en Gertjan Bootsma



B klasse manlju

- 1e priis: Tjeerd Dijkstra, Siebe Tolsma en Evert Tolsma
- 2e priis: Keimpe Talsma, Gauke Zijlstra en Foppe Boonstra
- 3e priis: Tseard de Jong, Tjipke Okkema en Lolke Okkema



Ferliezers

1e priis: Meile Kuiper, Sjouke Schilstra en Peter Stuiver

2e priis: Jos Houtsma, Stefan van Krimpen en Bert Couperus

Nei it keatsen wie der noch in gesellige neisit mei in hapke en in drankje en moaie muzyk.

16-07-2022: Ledepartij jongerein mei KF Wommels

Op sneon 16 july wie de twadde ledepartij foar de jongerein fan KF Easterein, no tegearre mei de jongerein fan KF Wommels. Dizze kombypartij wie

foar de welpen, de pupillen en de skoaljeugd. By de kabouters wiene allinnich ús eigen leden útnoege. Dizze kear waard de partij yn Easterein keatst.

It wie de earste dei fan de simmerfakânsje en it wie skitterend waar! Lokkich wiene noch net alle bern op fakânsje en wie der in moaie ploech te keatsen.

Dit wiene de priiswinners:

Kabouters

1e priis: Harmen Joustra en Thys Strikwerda
2e priis: Sven Sijbesma en Benthe Stoffelsma





Welpen

- 1e priis: Femke Paauw en Tymen Bults
 2e priis: Evy Wijnia, Berber Sijbesma en Lotte Kuiper
 3e priis: Jelke Sijbesma en Jinse Durk de Jong

Pupillen


- 1e priis: Zenn Hoitinga en Trytsje de Jong
 2e priis: Sander Vriesema en Sjoerd Breeuwsmma

Skooljeugd

- 1e priis: Brecht Stegenga en Douwine Tolsma
 2e priis: Geertje van der Weide en Tjitske Joustra

23-08-2022: Alder/bernpartij

Gjin ferslach mar wol allegear moaie foto's. Sjoch ek it ferslach fan de Jongerein- & Technyske kommisje.



26-08-2022: Nachtkeatsen jongerein

Gjin ferslach

27-08-2022: Nachtkeatsen senioaren

Under in prachtige sterrehimmel, wynstil waar en in prima temperatuer wie it sa as altyd moaie en spektakulêre keatserij tidens it nachtkeatsen. Drave, fleane, falle, glydzje... Elts koe syn lol wol op!

Dit wiene de priiswinners fan it nachtkeatsen:

A maten

- 1e priis: Bote Jellema (21 foar - 6 tsjin)
 2e priis: Hans Kooistra (21 foar - 9 tsjin)
 3e priis: Julian Faber (19 foar - 9 tsjin)

B maten

- 1e priis: Jesse Eringa (18 foar - 8 tsjin)
 2e priis: Abe Jan Stegenga (17 foar - 8 tsjin)
 3e priis: Jelmer Hazenberg (17 foar - 9 tsjin)

C maten

- 1e priis: Nynke Paauw (21 foar - 6 tsjin)
 2e priis: Gep Bakker (17 foar - 7 tsjin)
 3e priis: Julia Paauw (17 foar - 15 tsjin)



11-09-2022: Slotpartij

Dit is de twadde kear dat ik it ferslach skriuwe mei fan de slotpartij. En wer is it moai waar. It kin gjin tafol wêze 😊.

Tsjin alven dript elkenien binnen. Om 11.15 oere hâldt Wilma efkes in wurdasje foarôf en winsket elkenien in moaie dei ta. Nei Wilma nimt Tjeerd Dijkstra efkes it wurd. Tjeerd beneamt de needsaak dat der minsken nedich binne yn it bestjoer en de kommissjes. Oars is der aanst gjin bestjoer mear(en dus gjin feriening!). Minsken dy't it moai liket om wat te dwaan, kinne har melde by ien fan de bestjoersleden. En ast fragen hast fansels ek.

Werom nei de slotdei. Der wiene aardich wat oandielings. Yn totaal wiene der 34 keatsers dy't mei diene. Yn totaal keatste elkenien 3 omlopen. Alle kearen mei wikseljende maten. Dit smiet hiele spannende, mar ek minder spannende partijen op.

Úteinlik kamen dêr de folgjende winners út:

A-klasse

- 1e priis: Dirk-Yde Sjaarda
- 2e priis: Rémon Bouma
- 3e priis: Bote Jellema

B-klasse

- 1e priis: Judy Bergsma (mei in nipt ferskil)
- 2e priis: Roel Sijbesma
- 3e priis: Rutger Sijbesma

C-klasse

- 1e priis: Geja Hofstee
- 2e priis: Jelle de Boer
- 3e priis: Sander Velzen

De jongerein mocht hjoed tagelyk mei de senioaren op it fjild in baltsje slaan. Ek by de slotwedstriid fan de jeugd binne der moaie prizen wûn!



- 1e priis by de **kabouters**: Hielke en Harmen
- 2e priis: Folkert en Sven

- 1e priis by de **welpen**: Elin en Jelke
- En Jarno by de âldste kategory.

Nei ôfrin noch lekker oanskowe by de bbq. De keatswant kin yn de kast. Graach oant oar jier!

Ek de winners fan it **kompetysjekeatsen** waarden dizze dei bekend makke.

De wikselbekers fan de **manlju** giene nei:

- 1e priis: Jelmer Hazenberg
- 2e priis: Jan Vellinga
- 3e priis: Rémon Bouma





En dy fan de **froulju** nei :

- 1e priis: Petra Jellema
- 2e priis: Martina Kooistra
- 3e priis: Wiepkje Sijbesma

De priis fan **keatster fan it jier** gie wol fertsjinne nei Fianne Dijkstra. Altyd fleurich en in soad prizen wûn dit jier. Do seachst har faak foarby kommen op de foto yn 'e keats-útslaggen app.

Dit jier hiene we ek de huldigen fan keatsers dy't in priis wûn hiene op in grutte wichtige KNKB wedstriid. Understeande keatsers waarden yn it sintsje setten.

- Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra mei harren coach Hendrik Sweering:
1e priis Jong-Famme Partij
- Tjeerd Dijkstra, Simon Kingma en Roel Sijbesma:
2e priis NK 50+
- Bauke Dijkstra: 3e priis Manljus PC
- Jeska Terpstra: 3e priis Froulus PC

Wiepkje blikte koart werom op dizze bysûndere wedstriiddagen en de keats(t)ers krigen dêrnei noch in moai oantinken oan dy dei.



Nei it keatsen wie der lekker fleis fan de bbq, mei moai opmakke salades. Tige tank foar de 'bakkers' dy't it fleis foar ús klearmakke ha.

It wie in tige slagge dei. Betanke dat jim der allegear wiene en moai dat de keatsers holpen ha mei it opropjen fan de perken en sa.

KNKB PARTIJEN

15-05-2022: KNKB 2e klasse manlju

We ha hjoed in moaie keatsdei hân, prachtich keatswaar, mar wol in bikkelhurd fjild. De ballen stuiten somtiden hast oer de keatsers hinne. En wat stiene ús manmachtige keatsoanmerkers der kreas op yn harren nije shirts.

Yn de heale finale bliuwt partoer 9 mei Patrick van Dellen, Mark Minnesma & Steven Koster stean en hat de finale dus al fersulvere. Partoer 16 mei Wybren Postma, Tymo Zijlstra & Tjalling Feenstra en partoer 18 mei Redmer Zaagemans, Michel v/d Veen & Klaas Pier Folkertsma meie der earst noch om keatse. It wurdt úteinlik 2-5:2-6 foar Redmer, Michel & Klaas Pier en dêrmei ha Wybren, Tymo & Tjalling de 3e priis.

Om 16.00 oere koe de finale begjinne, dit gie moai lykop, in soad op 6-6. Mar it partoer fan Patrick, Mark & Steven lûkt op 5-3:6-6 oan it langste ein en dêrmei is de 2e priis foar Redmer, Michel & Klaas Pier. De terjochte winners fan de krânsen binne hjoed Patrick, Mark & Steven.

De útslach:

- 1e priis: Patrick van Dellen, Mark Minnesma en Steven Koster
- 2e priis: Redmer Zaagemans, Michel v/d Veen en Klaas Pier Folkertsma
- 3e priis: Wybren Postma, Tymo Zijlstra en Tjalling Feenstra



19-06-2022: KNKB jonges A en B f.i.l.

De jonges kategory wie hjoed yn Easterein te keatsen. Prachtige keatserij, spannende partijen en hearlik waar. Alle gear yngrediïnten foar in moaie keatsdeil!

Yn de A klasse waard keatst yn in poule fan 4 partoeren. Nei 2 omlopen wiene der 2 partoeren dy't beide wedstriden wûn hiene, yn de 3e omloop dus in echte finale én in spannende finale, sjoen de sifers 5-5:6-2.

Winners A-Klasse

1e priis: Marten Leijenaar, Eksmoarre
Johan Sipma, Ljussens
Rein Breuker, Ljouwert

2e priis: Pieter den Breejen, Arum
Jan-Tymen Eisma, Frjentsjer
Jelmer Foppe Drijfhout, Poppenwier



De B klasse bestie út 15 partoeren wêrby't in 'gewoane' list ferkeatst waard. De priizen waarden sa ferdield.

Winners B-klasse

1e priis: Thom Dijkstra, Bitgum
Stijn Vincken, Spannum
Rick Peperkamp, Aldebiltsyl

2e priis: Jan Johannes v/d Kamp, Nijlân
Sjouke Beimers, Bitgummole
Jurre Reitsma, Eksmoarre



3e priis: Jens Kooistra, Raerd
Niels de Boer, Spannum
Peter Boersma, Wâlterswâld

3e priis: Stefan Greidanus, Winsum
Jelvin Kaper, St. Anne
Iwan Hiddinga, St. Anne

1e priis ferliezers: Johan Crossen, Gau
Menno Johnson, Kimswert
Clive van der Weerd, Makkum

18-08-2022: KNKB Keats-off Froulju

In ekstra spannende keats off dit jier; soe it Sietske Okkema en har maten Hiske Zeinstra en Melissa Hiemstra slagje om harren te pleatsen foar de frouljus PC?

De 1e omloop wie dreech, mar nei in 5-2 efterstân koene de froulju de partij ombûge yn harren foardiel, se wûnen mei 5-5:6-0 fan Foke Jill Bakker, Hesther de Boer en Marije Bodde.

Yn de finale moasten Sietske c.s. stride tsjin Rixt Fokkema, Angela Donga en Ineke van der Ploeg. Dizze partij wûnen se mei 5-3:6-4 en dêrmei fertsjinnen Sietske, Hiske en Melissa in plak op de frouljus PC!



JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE – FROULJUS PC

02-07-2022: Jong Famme Partij – Mantgum

Foar Easterein keatse hjoed Jeska Terpstra, Roelie Kroondijk en Corrie Kroondijk, harren coach wie Hendrik Sweering. Se begûnen as ien fan de favoriten oan dizze partij en dit ha se wier makke.

Foar de earste kear ea hat Easterein de Jong Famme Partij wûn, geweldich! **Lowinske!**

03-07-2022: PC – Frjentsjer

Op de manljus PC die ien Eastereiner mei, Bauke Dijkstra. It wie syn lêste PC en hy hat hjir mei syn maten Remmelt Bouma en Evert Pieter Tolsma in moaie tredde priis behelle. **Lokwinske!**

06-08-2022: Ald-Meiers – Hitsum

Easterein docht dit jier spitigernôch net mei.

10-08-2022: Freule – Wommels

Easterein docht dit jier spitigernôch net mei.

24-08-2022: Frouljus PC – Weidum

Dit jier hiene we 4 Eastereiner froulju op de frouljus PC stean, Jeska Terpstra, Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Sietske Okkema. Dit wie Sietske har lêste PC. Corrie, Roelie en Sietske giene der yn de earste omloop ôf. Jeska hat mei har maten Margriet Bakker en Annet de Haan, in moaie tredde priis wûn. **Lokwinske!**

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

NK Junioaren: 04-06-2022 yn Frjentsjer

Easterein docht net mei.

NK Senioaren: 06-06-2022 yn Frjentsjer

Foar Easterein dogge 2 partoeren mei. Easterein 1: Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Jan Schurer en Easterein 2: Hendrik Sweering, Ids de Boer en Marten Faber. De earste 2 omlopen wurde ferkeats op 6 juny mar dan wurdt it NK beëinige fanwege it minne waar. De wedstriid wurdt útkeatst op woansdei 13 july. Easterein 2 ferliest yn de earste omloop fan Goaiïngea mei 4-5:4-6.

Easterein 1 ferliest yn de tredde omloop fan Mantgum mei 4-5:4-6. De winner fan de Bûnspartij is Bitgum.

NK Jonges: 11-06-2022 yn Kimswert

Easterein docht net mei.

NK Famkes: 11-06-2022 yn Dronryp

Easterein docht net mei.

NK Froulju: 25-06-2022 yn Wommels

Foar Easterein dogge 2 partoeren mei. Easterein 1: Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra en Easterein 2: Sietske Okkema, Marije Schurer en Imke van der Leest. Easterein 1 hat yn de earste omloop in steand nûmer mar giet der yn de twadde omloop ôf tsjin Boalsert. Easterein 2 ferliest yn de tredde omloop fan de Haach. Goutum wint it NK.

NK Skoaljonges: 25-06-2022 yn Grou

Easterein docht net mei.

NK Skoalfamkes: 25-06-2022 yn Makkum

Foar Easterein keatse Geertje van der Weide, Brecht Stegenga en Fianne Dijkstra. Spitigernôch ferlieze se yn de earste omloop krekt fan Stiens mei 5-5:6-2. Lollum/Waaksens wint it NK.

NK Pupillen jonges: 02-07-2022 yn Minnertsgea

Easterein docht net mei.

NK Pupillen famkes: 02-07-2022 yn Winaam

Easterein docht net mei.

NK Manlju 50+: 09-07-2022 yn Tsjom

Foar Easterein dogge 2 partoeren mei. Easterein 1: Simon Kingma, Tjeerd Dijkstra en Roel Sijbesma en Easterein 2: Sipke Hiemstra, Jan Vellinga en Tjerk Okkema. Easterein 2 ferliest yn de earste omloop fan Anjum met 5-0.

Easterein 1 wint yn de earste omloop fan Harns mei 5-4:6-4, de twadde omloop winne se fan Baard mei 2-5:6-6. Ek de tredde omloop winne se fan Seisbierrum/Pitersbierrum mei 2-5:6-6 en omdat se yn de heale finale in steand nûmer ha, steane se al in de finale.

Spitigernôch kinne se it net rêde tsjin it partoer fan st. Jabik, se ferlieze mei 5-3:6-2. Hjirmei hat Easterein 1 in moaie twadde priis behelle op it NK 50+. **Lokwinske!**

KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
29	Welpen famkes	
40	Pupillen famkes	
63	Skoalfamkes	
24	Fianne Dijkstra	5
40	Brecht Stegenga	2
46	Famkes	
41	Liset Sijbesma	1
19	Dames Junioaren	
1	Roelie Kroondijk	12
3	Corrie Kroondijk	8
8	Jeska Terpstra	6
48	Froulju 1e klasse	
1	Roelie Kroondijk	15
12	Corrie Kroondijk	9
36	Sietske Okkema	4
48	Froulju Haadklasse	
10	Roelie Kroondijk	12
12	Jeska Terpstra	11
17	Corrie Kroondijk	7
Nr	Top trije measte punten Froulju	
1	Roelie Kroondijk	39
2	Corrie Kroondijk	24
3	Jeska Terpstra	17

Nr	Keatser	Punten
35	Welpen jonges	
56	Pupillen jonges	
66	Skoaljonges	
67	Jonges	
40	Manlju Junioaren	
12	Manlju 35+	
125	Manlju 50+	
10	Roel Sijbesma	14
22	Tjeerd Dijkstra	10
40	Simon Kingma	7
44	Anco Elgersma	7
77	Jan Vellinga	3
111	Jelle de Boer	1
65	Manlju 2e klasse	
82	Manlju 1e klasse	
18	Bauke Dijkstra	9
23	Jelte-Pieter Dijkstra	7
55	Manlju Haadklasse	
27	Bauke Dijkstra	5
Nr	Top trije measte punten Manlju	
1	Bauke Dijkstra	14
1	Roel Sijbesma	14
2	Tjeerd Dijkstra	10

Keatsmominten út 2022

April

- 3 Wallball Frjentsjer, 1e priis Corrie Kroondijk
- 4 | 5 Molkwarder koeke-aksje
- 22 Stipersjûn mei Foppe de Haan



Maaie

- 1 Kleintje Keatskamp: 'De Keats Olympics'
- 6 Federaasje jeugd yn Ysbrechtum 1e priis Liset Sijbesma
Federaasje skoaljeugd yn Ysbrechtum 1e priis Tjitske Joustra
- 13 KNKB froulju junioaren yn Menaam 1e priis Roelie Kroondijk
- 13 Federaasje skoaljeugd yn Boazum 1e priis Brecht Stegenga
- 20 KNKB froulju junioaren t.i.l. yn Hommerts 1e priis Roelie Kroondijk
- 21 Federaasje skoaljeugd yn Hartwert 1e priis Geertsje van der Weide
- 27 Federaasje skoaljeugd yn Turns 1e priis Theunis Ynema en Sander Velzen
Federaasje jeugd yn Turns 1e priis Liset Sijbesma
- 27 KNKB froulju junioaren yn Froubuorren 1e priis Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra
- 28 Froulju 1e klasse yn Grou 1e priis Roelie Kroondijk



Juny

- 3 Federaasje skoaljeugd yn Goaiïngea 1e priis Brecht Stegenga
- 4 Federaasje skoaljeugd yn Kimswert 1e priis Brecht Stegenga
- 9 KNKB froulju junioaren yn Reduzum 1e priis Corrie Kroondijk
- 11 Federaasje welpen yn Spannum 1e priis Marrit van der Weij
- 12 KNKB skoalfamkes t.i.l. yn Wiuwert-Britswert 1e priis Fianne Dijkstra
- 12 Manlju 50+ yn Wytmarsum 1e priis A-klasse Simon Kingma en 1e priis B-klasse Roel Sijbesma
- 12 Froulju 1e klasse yn Hurdegaryp 1e priis Roelie Kroondijk
- 18 Froulju haadklasse yn Balk 1e priis Roelie Kroondijk



July

- 1 Federaasje welpen yn Easterein 1e priis Fenne Sijbesma
Federaasje skoaljeugd yn Easterein 1e priis Brecht Stegenga
- 2 Jong-Fammepartij yn Mantgum 1e priis Jeska Terpstra, Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
- 8-10 Eastereiner keatswykein mei û.o. de freeds in echte keatsmuorre en in keatsmuorrekeampioen op it fjild, de Jong-Feintepartij op sneon en de Okkemapartij op snein
- 9 NK Manlju 50+ yn Tsjom 2e priis Tjeerd Dijkstra, Simon Kingma en Roel Sijbesma
- 16 Manlju 50+ yn St. Nyk 1e priis B-klasse Roel Sijbesma
- 16 Manlju 1e klasse yn St. Anne 1e priis Bauke Dijkstra en Jelte Pieter Dijkstra
- 16 Froulju 1e klasse yn Britsum 1e priis Sietske Okkema
- 29 Federaasje pupillen yn Snits 1e priis Jelke Sijbesma
- 30 Federaasje skoaljeugd yn Warkum 1e priis Fianne Dijkstra
- 30 Manlju 50+ yn Jorwert 1e priis A-klasse Tjeerd Dijkstra en 1e priis B-klasse Roel Sijbesma
- 30 Froulju 1e klasse f.f. yn Penjum 1e priis Roelie Kroondijk
- 31 Froulju 1e klasse f.f. yn Peins 1e priis Roelie Kroondijk





Augustus

- 3 PC yn Frjentsjer 3e priis Bauke Dijkstra
- 12 Federaasje jeugd yn Itens 1e priis Fianne Dijkstra en Geertsje van der Weide
- 13 Haadklasse froulju t.i.l. yn Harns 1e priis Jeska Terpstra
- 18 Keats-off frouljus PC 1e priis Sietske Okkema
- 20 Manlju 50+ yn Frjentsjer 1e priis B-klasse Jan Vellinga
- 24 Frouljus PC yn Weidum 3e priis Jeska Terpstra
- 26 Junioarekompetysje yn Boalsert 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk. Roelie waard útroppen ta Keninginne
- 27 Federaasje jeugd yn Burchwert 1e priis Geertje van der Weide
- 28 Froulju 1e klasse yn it Hearrenfean 1e priis Corrie Kroondijk

Septimber

- 4 KNKB skoalfamkes yn Stiens 1e priis Fianne Dijkstra
- 10 Manlju 50+ yn Goutum 1e priis A-klasse Tjeerd Dijkstra
- 10 KNKB skoalfamkes yn Reduzum 1e priis Fianne Dijkstra

Oktober

- 3 Manlju 50+ yn Huzum 1e priis Roel Sijbesma
- 23 NK Wallball froulju senioaren yn Frjentsjer 1e priis Corrie Kroondijk

8

22

5

12